



# Doarpsskille

Maart

**165**

Nûmer 2/ 2014  
Fjouwerentritichste Jiergong

## Redaksje:

Baudy Cuperus-Sijtsma  
Grienewei 34  
Tel. 242048  
[baudycuperus@knid.nl](mailto:baudycuperus@knid.nl)

Dieta Holwerda  
(Lay-out)  
Langgrousterwei 12  
Tel. 242212  
[dieta@knid.nl](mailto:dieta@knid.nl)

Pieter Hoogland  
De Lyts Ein 37  
Tel. 241284  
[info@hooglandverhuur.nl](mailto:info@hooglandverhuur.nl)

Tineke Slager-Groenewoud  
(Administraasje)  
De Lyts Ein 2  
Tel. 242020  
[doarpsskille@hotmail.com](mailto:doarpsskille@hotmail.com)

Anneke Weidenaar-  
Bergema  
(Boargerlike Stân)  
Langgrousterwei 23  
Tel. 242148  
[anneke.weidenaar@gmail.com](mailto:anneke.weidenaar@gmail.com)

Bankrek. nr.  
NL32 RABO 03461.40.293

## **Yn dizze skille ú.o.:**

Feslaggen fan: UDI, Doarpsbelang,  
PKN Tsjerke  
De Terp,  
Sjoelen yn de Terp.  
In Foto út it argyf  
Op 'e kofje by Piter Post, diel twa  
Nijtsjerkster skriuwers, diel 1  
Eagen ticht  
Hoe is it no mei.... Sybe van der Ploeg  
Bedriuw yn byld en...  
Shakespeare oan de Fiver

## **Fan 'e redaksje**

Alwer de twadde skille fan 2014, wer bliuwt de tiid. En it waar is de tiid ek al yn 't foar, no as ik dit stikje skriuw kin je op in smout plakje al bûten sitte.

Yn dizze skille is de rubriek " Hoe is it no mei? " wer te lêzen.  
It had in nije oanpak. Sietse dy t oars dizze rubriek skreaun, gie altyd nei de minsken ta, ik ha it mij wat maklikker makke troch minsken te skiljen en te freegjen oft se sels een stikje skriuwe wolle. -->

Sybe fan Klaas en Tryntsje v/d Ploeg is de eerste dy't sels een stikje skreaun hat, sadat as jim dat lêze wer op de hichte binne fan wêr 't hy bedarre is.

Dit is mar ien fan de stikjes yn dizze skille, fansels binne der noch folle mear nijs gjirriche saken te lêzen. Miskien op een smout plakje bûtendoar?

BCS

---

We kinne net sûnder ús stipers. Alle gear tige tank foar jim bydragen!

### Buertferienings

Doktersfiif

Foeke Sjoerdsstrjitte

### Lêzers om útens

Bergema-Elzinga, J. Ternaard  
Bierma-Hartmans, A. Marknesse  
Bosgra, J. Meppel  
Bosgra, R. Oosterwolde  
Bouwman, Fam. Nes  
Dijkstra, Sjoukje Nes  
Dijkstra, T. Triemen  
Dijkstra-Brandsma H. Kollum  
Douma-Sijtsma, A. Heelsum  
Eelkema, Y. Zaandam  
Graaf, M.H. van de Poortugaal  
Groenia, Sjoerd Geke Dokkum  
Hiemstra, IJ. Dokkum  
Hiemstra-Sytsma, Mw. Wierum  
Hoekstra, J.H. Grevenbroich (Dld)  
Kingma, A. Dokkum  
Kingma, Jacob Minnertsgea  
Kingma-Bosgra, H. Grijpskerk

Linthof, R. Drachten

Mulder-Dekker, M. Mantgum

Ploeg-Postma T. v.d. Mitselwier

Postmus, Willem Stiensgea

Sijtsma, W. Mitselwier

Sikkema-Veenstra, G Dokkum

Sonnema, A. Kollumerzwaag

Terpstra-Bosgra, T. Ljouwert

Terpstra-Sikkema, J. Dokkum

Tilkema, D. Burgum

Tilkema, F. Elburg

Torensma, J. Waddinxveen

Tresoar Leeuwarden

Vries, E. de Mitselwier

Weidenaar, A. Feanwâlden

Weidenaar, J. Dokkum

Weidenaar, R. Buitenpost

Westra-Sikkema, F. Emmeloord

Wijbenga, S. Marrum

Zijlstra.J. Mitselwier

### Ferienings:

UDI

Doarpsbelang

TSG



# BOARGERLIKE STAN



*GERRIT ELZINGA* is op 14 febrewaris yn 'e âldens fan 84 jier ferstoarn.  
Mûnewei 3

BERTENIJS

MARC jonkje fan Watze en Marianne Elzinga-Eelkema  
berne 27 febrewaris, Grienewei 8

# HOULIKSSAKEN

*FREERK VISSER EN LIEUWKJE VISSER-BIJLAND wiene 28 febrewaris **50** jier trouw.  
Nijbuorren 2*

FERHUZERIJ

*HERMAN DE KONING* hat it âlderlik hûs aan De Buorfinne 30 ferlitten en is ferhuze nei Wânswert, Tsjerkepaed 1.

*RENATA FABER* is mei har beide bern *ANNICK* en *MILAN* ferhuze nei Burgum. Sij wennen aan de Lyts Ein 12.

*JOHAN TITUS HOLWERDA EN SIETSKE COSTER* hawwe har nei wenjen set op De Lyts Ein 12. Se wennen beide noch by harren âlden, Johan Titus aan de Buorren 37 en Sietske aan de Langgrousterwei 16.

AART VISSCHER is ferhuze fan De Buorren 26 nei de Buorfinne 4.

*DINE RISPENS* is ferhuze nei it Talmahûs yn Feanwâlden. Hja wenne aan de Buorren 24.

## NIJE BEWENNERS

*SIEBE JONGELING* wennet al in skoftsje aan de Lou Sânen 2 mei *Rennie Torensma* en har beide bern. Hy komt fan Dokkum.

Anneke

Mochten jim nijs hawwe foar dizze rubryk, belje of mail my dan efkes, it is sa maklik en jo hoege de doar der net foar út (info op side 1). In briefke yn 'e brievebus mei ek fansels.

## Jeugdhonk



Beste Dorpsbewoners!

Sinds 25 januari jl is het jeugdhonk 1 x in de twee weken op zaterdagavond open voor de jongere jeugd.

De jeugd in de leeftijd vanaf 12 t/m 14/15 jaar kunnen vanaf 19.30 uur terecht in het jeugdhonk. Iemand van de oudere jeugd heeft dan bardienst. Er wordt onder de 18 jaar uiteraard geen alcohol geschenken.

Dus jongelui kom voortaan in de even weken op zaterdagavond naar het jeugdhonk. Jullie kunnen er tv kijken, darten, x- boxen en gezellig aan de bar zitten te kletsen.

Als jij leuke dingen weet voor in het jeugdhonk laat het ons dan even weten.

Bestuur jeugdhonk 't Terpke

# Brassband

## UDI



Drok, drok, drok.... Ja, by ús muzykferiening is altyd wol wat te belibjen en we binne altyd drok oan it repeatarjen. Ek no wer! Mar earst noch wat oer de ôfrûne tiid.

We ha op sneon 15 febrewaris meidien oan it Festifal yn Anjum. Oerdeis wie der in solistekonkoers en wat ha ús learlingen, mar ek de al wat âlderen, fantastisch blaasd!! Wy binne tige grutsk op alle leden en hast-leden dy't meidien hawwe. En der waarden ek noch wat wikselsbekers mei nei hûs naam. By de junioaren wie de beker foar Mariëlle Kuiper en by de senioaren duo's (as mear) wie de beker foar Eele-Jan Bergsma en Geartsje Weidenaar. Sa... no witte alle aanwezigen op 'e nij hoe't se by UDI blaze kinne!!

De jûns wie it korps oan bar en we ha prachtig blaasd, it publyk wie der yn elts gefal wei fan. Mar de sjury beslist. Spitich genôch waarden we gjin earste, mar wy kriegen fan de sjury noch wol in opstekker: in earfolle fermelding, omt it korps sa goed foarút gien wie! No, dat ha we dan mar wer yn 'e bûse.

Mariëlle Kuiper is fan de efterste rige ferhûze nei de foarste rige, sy spilet no op solo-kornet. Dat se dat wol kin, hat se al bewezen, want yn Anjum siet se ek al moai foaroan. Suzanne Seepma is in plakje trochskowd, sy sit no oan de twadde kornet.

Der binne ek wer twa learlingen by kaam, wêr 't wy tige wiis mei binne. Dit binne Douwe Pieter Kuiper en hy stjit efter de muzyk by it slachwurk, en Jeldert Okkema. Jeldert is it broerke fan Wieger (euphonium), spilet al by it jeugdkorps en no ek by ús op de tredde kornet. Beide hearen in protte súkses en foaral wille tawinske by UDI.

Nei Anjum moasten we der fuort wer "boppe-op", want it Spikerfestifal yn Ureterp stie op it program. We wiene al in hiel ein mei de stikken, doe 't wy hearden wat de yndieling wurde soe. It blykt dat se it dit jier wat oars dogge as oare jierren en dat is yn ús gefal tige spitich. Wy wiene no yndielte foar de jûns, wylst it oars altyd oerdeis wie. Ja, en dy

jüns kinne in protte leden fan UDI net meispyle omt se dan al earne oars spylje moat. Ek ús dirigint Gijs hat de jüns oare ferplichtings. Jo begripe it al: de stikken sitte (en bliuwe) wer yn 'e tas, it Spikerfestifal giet oer foar ús.

Mar dat wol fansels net sizze dat wy ynienen neat mear ha te dwaan. Fuortdaliks stiene der in bulte nije (mar ek wat âlde) stikjes op 'e stander en no geane we repeatearjen foar ús simmerkonsert. Dit fynt plak op 22 juny o.s. Ek studearje we lieten en stikjes yn foar de begelieding fan de tsjerketsjinst op de 1<sup>e</sup> Peaskedei.

Dit is de lêste kear dat ik de stikjes foar de Skille skriuw, ik jouw de pen (as it toetseboerd) oer oan Rinskje Braaksma. Sy sil fanôf de folgjende Skille derfoar soargje dit jo op 'e hichte bliuwe fan leaf en leed by ús muzyk. Ik ha mei in protte nacht de stikjes altyd skreaun, mar troch in funksje yn it bestjoer en oare drokte thús, woe ik graach dat immen oars dizze stikjes skriuwe soe. Rinskje woe dit mei leafde oernimme. Dêrom Rinskje: in protte súkses!

Hijrnei (of ûnder) noch in oprop!!!

Marjanne Faber

## Ald papier

Sûnt in pear moannen wurdt it âld papier noch mar ien kear yn'e moanne ophelle. Dit fine wy spitich, dêrom ha wy besocht om it op in oare wize te besykjen. Sadwaande is der no in oplossing kaam: foartoan kinne jo it âld papier bringe nei it terrein fan Faber Bloementransport (Grienewei 50). Oan'e kant fan de Lyts Ein sil mei yngong fan **5 april** in fêste kontainer stean. Dizze kontainer is om'e wike op de sneons iepen fan **10.00 – 11.30 oere**. Leden fan UDI sille by de kontainer stean om jo âld papier der yn te setten.

Wy wolle jo der wol op wize dat it net de bedoeling is om oer it terrein fan Faber te ride/fytsen (hjir steane no kontainers en ride frachtauto's fan Wijnsma). Graach oan'e kant fan de Lyts Ein oan ride/fytsen komme.

Mei dit âld papier stypje jo UDI ek wer!

Alfêst tige tank!

Muzykferiening UDI



## Stichting Dorpshuis 'de Terp'

### Nieuws uit Dorpshuis de Terp

De lente is ingezet, de dagen worden weer langer en ook dorpshuis de Terp is klaar voor dit nieuwe seizoen! Er staan weer leuke activiteiten op stapel, hierover later meer.

### Terugblik

Eerst een terugblik op de afgelopen maanden. 24 januari was het jaarlijkse darttoernooi, dit was wederom een groot succes, er was een grote opkomst. De vaste club vrouwelijk barpersoneel heeft de darters weer perfect verzorgd tot in de late uurtjes.



Op 21 februari werd voor de tweede keer het sjoekampioenschap georganiseerd. De opkomst viel een klein beetje tegen maar dit mocht de pret absoluut niet drukken, er werd fanatiek gestreden om één van de prijzen in de wacht te slepen. Uiteindelijk ging bij de jeugd Cornelis Elzinga er met de beker vandoor en was de winnaar in de seniorengroep Marjanne Faber, verderop in deze Skille meer over het sjoekampioenschap en een uitgebreid overzicht van de uitslagen. Noteer het sjoekampioenschap voor volgend jaar alvast in de agenda:  
**30 januari 2015**

22 februari was een drukke dag in dorpshuis de Terp, onder andere het marathon klaverjassen vond plaats, ondanks dat er niet erg veel deelnemers waren was het toch een erg gezellige en goed verzorgde dag voor de aanwezige kaarters.



De Bûnte Flinters speelden op 14 en 15 maart een prachtige uitvoering van het stuk ‘Gewoan te gek’. Beide avonden was er een goed gevulde zaal met enthousiaste toeschouwers.

Via deze weg nog proficiat voor de acteurs en de personen achter de schermen, jullie twee avonden waren ‘gewoan te gek!’



## Komende activiteiten

Bij het verschijnen van deze Skille is inmiddels het lentematinée op 22 maart al geweest, hierover in de volgende editie een verslag.

Voor de komende maanden staan er nog genoeg activiteiten op stapel, een aantal moeten nog enige vorm krijgen maar zijn alvast wel het vermelden waard.

- \* 27 maart Bingo 19.00 – 20.30
- \* 26 april Koningsdag (meer info volgt)
- \* Wijnproeverij (datum nog niet bekend)
- \* 2 mei Vrijwilligersavond (meer info richting de vrijwilligers volgt)

## Nieuwsbrief

In de vorige Skille heeft u kunnen lezen dat het idee was ontstaan om een nieuwsbrief te gaan verspreiden, hoewel dit een leuk idee leek is toch besloten, mede door de weinige belangstelling, dit niet door te laten gaan. Er is besloten ieder kwartaal een uitgebreider stuk in de Skille te plaatsen waarin alle zaken rondom het dorps huis aan de orde komen.

## Pinautomaat

Hoewel het de bedoeling was dat de pinautomaat inmiddels zou werken is dit helaas nog niet het geval. Het apparaat is aanwezig en alle aansluiting zijn klaar. Het is nu alleen nog wachten op de bank. Dit duurt langer dan verwacht, er wordt hard



gewerkt de automaat zo snel mogelijk in gebruik te kunnen nemen.

Mocht u vragen, opmerkingen of leuke ideeën hebben dan horen wij deze graag, u kunt ons bereiken via de email  
[dorpshuisdeterp@hotmail.com](mailto:dorpshuisdeterp@hotmail.com) of benader één van onderstaande bestuursleden.

André Beeksma (Voorzitter)

Peet Kuiper

Louise van Ekelenburg (Secretaresse)

Mark Boersma

Teade Anne Holwerda

Geke Braaksma (Penningmeester)


Sanne Faber


Voor de allerlaatste nieuwtjes, aankondingen, foto's en meer zijn wij ook te volgen op Facebook of via Twitter, wij begrijpen heel goed dat niet iedereen op de hoogte is met de moderne technologieën dus blijven we natuurlijk ook gewoon doorgaan met het verspreiden van huis aan huis berichten. Tot de volgende Skille.



Sanne Faber

## **Easternijtsjerk hat stamt**





---

## Protestantse gemeente Oosternijkerk

Kerkdiensten: 9.30 uur in 'de Bining, de Langgrousterwei.

Via de radio te ontvangen op 102.8 FM.

Scriba : F. Meinsma, Langgrousterwei 44, 0519-242208

e-mail : [scriba-on@hotmail.com](mailto:scriba-on@hotmail.com)

Voorzitter : dhr. J. Post, Buorfinne 16, 0519-241816

e-mail: [postjpt@hotmail.com](mailto:postjpt@hotmail.com)

### Ouderling

Beste Dorpsgenoten;

Mij is gevraagd iets te vertellen over het werk van een ouderling van de kerk. Allereerst zal ik mij even voor stellen. Ik ben Gon Bouwman – van den Berg en woon met man, kinderen en kleinkinderen, tussen Oosternijkerk en Nes in op de Wiesterwei 15. We wonen er nog niet zo lang, 4 jaar, maar zijn inmiddels wel ingeburgerd in het dorp.

Na een jaar werd ik gevraagd door de dominee of ik eventueel bereid was mij in te zetten voor de kerkenraad, na intern beraad heb ik ja gezegd en zo ben ik ouderling geworden. Wel heb ik direct gezegd dat de Friese taal een struikelblok zou kunnen worden, ik spreek het niet, maar versta het wel en doe mijn uiterste best om gesprekken te volgen. Wat verwacht de Heere God van mensen en in het bijzonder van de kerkenraad en in mijn geval van de wijkouderling, wat verwachten de mensen in mijn wijk van mij?

Dat heb ik mij wel afgevraagd, en een antwoord gezocht, in gebed, gesprekken en in mijn hart voor ik Ja zei. Ik heb een groot voorbeeld, dat is de Heere Jezus zelf, hij was en is volmaakt, wat ik nooit zal zijn en ook niet zal worden. Dus ik hoop ook niet dat de mensen uit mijn wijk dat verwachten.

Een ouderling bezoekt de oudere gemeenteleden thuis of in het bejaardenhuis, verpleegtehuis of ziekenhuis, gaat op kraamvisite, bezoekt zieken thuis, bereid voor en doet groothuisbezoek, gaat naar begrafenissen en bezoekt de vergaderingen. Sommige ouderlingen

hebben een speciale taak bijvoorbeeld jeugdouderling, voorzitter en secretaris die alles verslaat in mooie verslagen.

Ik ben bezig met het fenomeen IKAA inter – kerkelijk - aangepaste – arbeid. d.w.z. aangepaste diensten organiseren samen met andere gemeentes in de regio. Momenteel is er een begin gemaakt met het vormen van een commissie, die we hopen uit te breiden met andere gemeentes, om ons heen. De meewerkende Gemeentes zijn momenteel PKN –Oosternijkerk, PKN centrum Dokkum, PKN Wetsens en er lopen nog div. contacten met kerken.

Wij vinden dat er regelmatig aangepaste diensten moeten zijn, in onze kerken voor en door en met medewerking (koren, muziekgroepen) van onze verstandelijke / lichamelijke / emotioneel beperkte dorpsgenoten, leden van Gods gemeente.

Dit alles kost veel tijd, inzet en energie, maar ik doe het met veel plezier, en in een team, en bovenal met Gods hulp en steun, die wij als familie het afgelopen jaar ook mochten ontvangen, ook van de Gemeente en dorpsgenoten.

Daarvoor onze dank, en tot ziens  
Familie Bouwman



Op het moment van verschijnen van deze skille hebben we net de jaarlijkse ledenvergadering gehouden. Het verslag van de vergadering zullen wij in de volgende Doarpsskille zetten.

Het is momenteel vrij rustig in ons bestuur. Geld voor grote projecten is er niet, de drukte rond de organisatie van het dorpsfeest van vorig jaar hebben we achter de rug, dus kakken we een beetje in. In januari begon het bij ons alweer een beetje te kriebelen. Wat hebben we nog op de agenda te staan, kunnen we nog wat leuks organiseren..... En zo komen er dan toch weer plannen op tafel. Kleine plannen welliswaar, maar we moeten niet stil gaan zitten en een beetje actie in ons dorp hebben. We vinden het aanzicht van de vaart vanaf de Foeke Sjoerdsstrijtte niet fraai, de steiger in de vaart valt niet op. De bosjes op

de hoek van het jeugdhonk en de sportvelden zijn ook niet verzorgd. Wij denken aan een flinke opknapbeurt en mooie beplanting en zullen hier het komende jaar plannen voor gaan maken.

De activiteiten voor het komende jaar hebben we voor een groot deel al ingevuld. Vorig jaar hebben we activiteiten georganiseerd rond burendag in september. Dat willen we dit jaar niet herhalen. Het leek ons voor dit jaar leuk om een **kleintje dorpsfeest** te organiseren. 1 dag feestvieren en wel **op 21 juni a.s.** Het programma voor deze dag moet nog verder uitgewerkt, maar wel is duidelijk dat we 's middags het tweede deel van het volleybaltoernooi houden en dat er 's avonds gefeest kan worden met Sunshine in de feesttent.

### **Activiteitenprogramma:**

16	april	Paaseieren verven
26	april	Koningsdag 9.00 uur Muziek en Drum door Buorren 10.00 uur stoepkrijten en skelterrace 10.00 uur koffiedrinken in de Terp 13.30 uur Autopuzzeltocht
20 t/m 23	mei	Avond vierdaagse
19 en 21	juni	Buurtenvolleybal toernooi
21	juni	Kleintje dorpsfeest
24	oktober	Gezellige middag met activiteiten voor ouderen

Dorpsbelang  
Dieta Holwerda

---


Wa hat ferlern...

### **in gouden earrinkje?**

fûn op de Langgrousterwei (yn de buert fan de wenning nû. 6) troch  
Albert Meinsma till. 242161



## In foto út it argyf - 31



De foto van deze aflevering toont een gevarieerd gezelschap, zowel vrouwen als mannen. Je zou het zo kunnen zeggen: de hervormde vrouwenvereniging "Wees een Zegen" ging op reis en de mannen mochten ook mee. Een datum is niet bekend maar zal rond 1970 liggen. Omdat de opstelling niet in duidelijke rijen is, ga ik hier uit van twee rijen: vooraan op hurken en een rij staande mensen waarbij een enkeling vrijwel niet te zien is. Alleen de familienaam van de man is gebruikt.

**Vooraan vlnr:** Renske de Jong, Geert Linthof, Jelle de Jong, Hitje Torensma, Haakje van der Veen, Geertje Torensma, Anneke de Jong, Tetje Dijkstra.

**Achteraan:** Marten Kooistra, Anne Ages de Jong, Klaske Hiemstra, Eelkje Linthof, Renske Holwerda, Richtsje van der Vliet, Pieter Holwerda, Durkje de Vries, Jacob van der Veen (half), Brand Hiemstra, Hinke de Vries, Theunis Linthof, Beth de Vries, Sietske Haaima, Wiebe de Vries (helemaal achteraan), Tine Linthof (om het hoekje), Pietrikje Weidenaar, Wiebe Holwerda, Doutzen Kooistra, de (onbekende) chauffeur, Afke Holwerda en Wessel Dijkstra.

Foto beschikbaar gesteld door Leentje Talstra-Linthof. Mocht u fouten in de namen ontdekken, dan graag doorgeven.

Nog een aanvulling op de foto van de vorige keer, het 50-jarig jubileum van de gereformeerde vrouwenvereniging in 1988. Deze vereniging werd opgericht in november 1938 nadat er al vanaf januari van dat jaar vergaderingen waren gehouden. Als naam werd gekozen voor "Onze tijd en onze roeping", pas in 1953 volgde toetreding tot de bond van geref. vrouwenverenigingen. De vereniging bleef bestaan tot 11 november 2008 toen de vereniging precies 70 jaar oud was en er nog 9 leden waren.

Deze gegevens zijn afkomstig van Baukje Elzinga die er met Gerrie Elzinga voor zorgde dat de notulenboeken terecht zijn. Alle boeken vanaf het begin zijn nog aanwezig en naar het Streekarchief in Dokkum gebracht. Daar liggen door toedoen van Geert en Eelkje Linthof sinds een paar jaar ook alle notulenboeken van de hervormde

vrouwenvereniging, terwijl Tine Jousma-Postma ervoor zorgde dat ook de boeken van de opgeheven NCVB daar terecht zijn gekomen. Prachtig dat alle vrouwenverenigingen hun archieven veilig gesteld hebben. Mocht u thuis nog oude notulenboeken hebben liggen van Oosternijkerker verenigingen, graag een telefoontje (241593) en ik breng ze graag naar het archief.

Tijdens de laatste vergadering van “Onze tijd en onze roeping” werd een foto gemaakt van de laatste 9 leden, die hier ook afgedrukt wordt.

**Achter:** Tine Jousma-Postma, Aukje Bakker, Baukje Elzinga-Rispens, Ydske Dorhout-Boersma, Annie Brouwer-Hansma

**Voor:** Gerrie Elzinga-Post, Riemke Feenstra-Bosgra, Renske Holwerda-Triemstra en Pietje Douma-Douma.



Voor de laatste foto van deze aflevering wordt uw hulp ingeroepen omdat we niet echt zeker zijn van de juiste namen. Het is een foto van mannen en jongens voor het hek van de hervormde pastorie. Wachtend tot de klok luidt van één uur om naar de boer te gaan?

**Achter vlnr:** Jacob Eelkema (?), Kees Visser van Paesens, Brand Holwerda, Frederik (Freark) Tilkema, Wessel Dijkstra.

**Voor:** Taede Weidenaar (Taede' Baaf), Jan Meints Weidenaar (van Meint en Tryn), Frederik of Geert Torensma, Johannes Rijpstra.

Foto beschikbaar gesteld door Geert Cuperus.



Reacties graag naar 241593 of [r.tolsma01@knid.nl](mailto:r.tolsma01@knid.nl)

Hebt u ook een geschikte foto voor deze rubriek. Reacties naar hetzelfde adres.

---

## Bijlage AED (midden van de Skille)

Net als twee jaar geleden hebben we in het hart van de skille een lijst opgenomen met mensen die de AED kunnen bedienen. De lijst kunt u los halen en bewaren op uw prikbord / telefoonboekje etc.

Veel mensen op de lijst worden via hun werk of via EHBO training geschoold. Jaarlijks organiseren partijen in ons dorp een training om bekwaam te blijven in reanimatie en AED. Afgelopen 5 maart was er weer een training, waar ditmaal 11 deelnemers hun vaardigheid schoolden. Velen van de oude AED lijst zijn gebeld, anderen uitgenodigd voor de training.

We denken zo weer een actuele lijst te kunnen verspreiden.

Anneke Dijkstra en Annie Bremer

## Eagen ticht

"Het zit op de bank en het zapt", dat is de titel fan in boek; ien kear riede oer hokker diel fan de befolking dat giet. Mar ik tink dat it oare diel ek wol ris op de bank sit en 'zapt'. Ik wol yn alle gefallen. Sokst dochst fansels om wat fermaak te finen, is d'r ek wat leukst foar? Krekt even in heal oerke of ûnder it middeisiten. En somtiden bliuwst hingjen foar in programma, bygelyks oer kwalen en kwaaltsjes. Altyd wol nijs gjirrich. No hast sokke programma's yn soarten en oer ien soart sil we it even ha. Mochst earne lest fan hawwe en do doarst d'r net mei nei de hûsdokter, dan kinst altyd noch nei 'de bus', mochst it gelok ha dat dy yn de buert komt. Guon minsken dogge dat, frjemd genôch. Net nei de hûsdokter doare, omdatst dy miskien wol skamest, mar wol nei 'de bus' gean. Dêr is ek in dokter, in frjemden fansels, mar ek in kamera, dus ek in kameraman en ek noch immen foar it lûd sil we mar rekkenje. Miskien ek noch ien foar it Ijocht? Wy, de sjoggers, moatte it al goed sjen kinne. Dat binne al twa as trije minsken mear dan by Vitali yn de sprekkeamer. It stelt fansels noch neat foar by al dy tûzenen tillevy়ze-sjoggers, wêr't sa'n progamma op hopet. Nuveraardich, wa docht soks? En wêrom? It moat trouwens wol wat aparts wêze wêr'st lest fan hast, oars komst net yn oanmerking, dat tink ik tenminste. In wart op in finger is net ynteressant genôch moast mar rekkenje. Of bygelyks gewoan pine yn it ear, hoe ferfelend en pynlik dat ek wêze kin. Soks kinst wol ferjritte, komst net mei op de tillevy়ze. Nee, dy programmamakers ha leaver wat ûngewoans. In wart kin op himsels wol, mar dan wol op in oar plak en it leafst op in plak wat net faak it deiljocht sjocht. Allinnich dan ha je wat nijs, mar wy moat net te hurd. Ja, de gekste kwalen komme foarby, faak hast d'r noch nea fan heart. It liket my soms ek goed ferfelend, wêr't guon minsken lest fan ha. Somtiden ha se al fan alles prebearre, alle mooglike dokters al hân en noch kin se net útfine wat it no krekt is. Sjoch, dan kin ik my wol foarstelle datst by sokke tillevy়zedokters oankloppest, wa wit is it nijs gjirrich genôch om te behanneljen, dan hast kâns dat de ûnderste stien boppe helle wurdt om fertuten te dwaan. Do bist miskien fan dyn swierichheden ôf en de programmamakers ha wat om sjen te littten. Sa snijt it mes aan twa kanten. Ja, de makkers mei graach wat frjemds sjen litte, soms skrikst derfan. It is ek net ferstannich om te iten by dat programma, want it is net altiten like smaaklik watst sjochst. Lit ús beginne mei operaasjes. No ha ik de eagen al ticht as ien in prip krijt, lit stean wannear se beginne te snijen, dus folle sjoch ik der net fan, mar dochs. It bin faak fan dy ûnferwachte bylden, bist d'r

net op taret. Se litte faak alfêst even sjen wat d'r aanst foar komt. Dêr hast dan sa gau wer gjin erch yn en dus sjochst bylden as se al midden yn de operaasje sitte en it leafst fan hiel tichtby. Sa sjochst dingen dy'st hielendal net sjen wolst. Wêrst dy better op tariede kinst, binne de minsken mei harren problemen dy't op it sprekoere komme. Dat kin fan alles wêze, fan minsken mei seare fingers, pynlike skouders oant minsken mei pûkels of iepen plakken yn 't hier of oer it hiele lichem. Faak ha se dan noch wat foarbylden derby, wêrst net bliid fan wurdst. Der stiet my noch in frou by, mei in ekstreem protte yl op har fuotten, se hie der al jierren lest fan en it wie hiel ferfelend. Dat moasten we mar even sjen. No ja yl op de fuotten, wa hat dat net, dus hoe mâl kin it gean. Dat foel raar ôf, it seach d'r net út. Ik soe hast in hapke nimme fan it ien of oar, mar dat hoegde net mear en ik ha mar gau de hân foar de eagen dien. Bah, ja sneu foar de frou, mar ik hoech soks net te sjen. As jim no witte dat de sin 'de stoelgang moet doorgaan' yn it frysk fertaald wurde kin as: de poarte moat iepen bliuwe, dan witte jim wol wêrt jim oantinke moat as ik sis dat in jonge lest fan syn poarte hie. Fansels moasten we dat ek even besjen. De ûnderbroek mar út en op de tafel. Ik hie de hân al wer foar de eagen en besike tusken de fingers troch te sjen, mar it foel ta, it koe wol besjen lije: niks gjin nuveraardichheden en hy wie noch jong dat skeelt ek fansels. Wat, teminsten wat my oanbelanget, gjin besjen lije koe, wiene foto's fan oare poarte-problemen, sil we mar sizze. Ien fan de dokters rûn dêr mei oer de strijtte en liet se oan foarbygongers sjen. Se moasten riede, wat op de foto's te sjen wie. Pas op de tredde foto wiene aambeien te sjen, dochs it meast bekend. It seach d'r allegear net fris en ek netnoflik út. Kinst blykker hiel wat problemen ha op dat plak. Dan de man mei warten op syn pyst (sels mar opsykje), in frjemd plak en it sil ek wol hiel lestich wêze, mar giest dêr mei nei in tillevyzjedokter? Wy kriegen ek noch hiele moaie foarbylden te sjen wêrt dy warten noch mear sitte koenen en wat dat mei de hûd die, no it wie allegear sear unsmaaklik en ik hie de eagen al rillegau ticht. Froulju komme dêr ek wol mei ûnderbroek problemen, ik kin it my net begripe. Dit giet dus oer minsken dy't famylje, freonen, kenissen en buren hawwe, dy kinne dat dus ek allegear sjen. Dat wol je dochs net en fan de oare kant, dêr sitst dochs net op te wachtsjen? De buorman of buorfrou mei syn of har medyske probleem; d'r oer prate, dat kin wol, mar we hoege it net te sjen. Oan de oare kant falt it miskien wol ta, want mocht d'r oait in Nijtsjerkster by sa'n dokter komme en de klean komme út, dan sit ik dochs de helft fan de tiid mei de eagen ticht.

AWB

## Op 'e kofje by ... (27)

---

### Pieter Post (2)

*De oare kear hat Pieter Post aan it ferhaal west oer syn jongesjierren yn Hantumhuizen, de oarlochstiid yn Nijtsjerk, syn baantsje as 'smarjonge' efterdyk by Peazens en it wark mei hynders en kij, dus oer de greide, as fêste arbeider by Van Kleffens. Hy fertelt no fierder oer it wark op it boulân fan Van Kleffens.*

As it boulân yn it foarjier klearmakke wie, moast der siedde wurde fansels. Eartiids waard it tinne sied oer it lân ferspraat mei de fioele, in apparaat dat de siedkerreltsjes oer it lân 'struide'. It wie net maklik om soks wat egaal te dwaan, mar guon boeren en arbeiders wiene dêr tige betûft yn. It folle swierdere graansied koe net mei de fioele dien wurde, mar waard út 'e hân wei oer it lân smiten. Yn myn tiid gie dat wat oars. Yn it pakhús fan Slagter en Zwart oan de Opslag stie in siedmasine en as der siedde wurde moast, waard dy siedmasine mei it hynder ophelle. Ljibbe Weidenaar (Ljibbe' Gryt) wie de man dy't de siedmasine betsjinne. Om't Van Kleffens ha woe dat ik hynsteman wurde soe, rûn ik efter it hynder dat de siedmasine luts en Ljibbe Weidenaar betsjinne de siedmasine: sa rûnen wy tegearre it boulân op en del. Weidenaar die soks wark by in hiele protte boeren; jierren oanien hat er dat dien, ja, de man hat hiel wat kilometers efter it hynder aan oer de kluten fan it boulân tôge!

Dy siedsjes kamen by de biten yn in lange rigele telâne en dêrtroch kamen der tefolle plantsjes op ien plak te stean. Dy waarden earst trochslein: mei in houk waarden der in protte plantsjes tuskenút helle. Dat gie noch wat rûch mar dérnei, as de plantsjes wat grutter wiene, moast men noch 'bite-ienje': fan elk tropke plantsjes moast der ien, de grutste en sterkste, stean bliuwe, de oaren moasten ferwidere wurde. Dat barde op de knibbels en dan twa rigels tagelyk meinimme, in rige links en in rige rjochts. Om't dit wark yn 'e simmer dien wurde moast, wiene de kluten faaks hurd en dan foel it net ta om op knibbels it lân oer te krûpen. Foar de ôfwikseling giest wolris yn 'e hoksen sitten, mar dat koest ek net lang folhâlde.

As de biten klear wiene, dat wie yn 'e hjerst, waarden se mei in lepke út de grûn helle en op in rigelein. Dan waard it lof, foer foar de kij, der mei in bitesnijer ôfstutsen, de modder der wat ôfskodde en de biten op

in bult smiten. Om't der sa let yn de tiid wolris nachtfrost west hie, wie sok wurk ferdulde kåld oan de hinnen. Dan helle ik Klaas, it hynder, op en mei de boerewein fol biten ried ik nei de Opslag dêr't it biteskûtsje klear lei. Ik moast hiel ticht by de wâl lâns stjoere, mei ien tsjil op de kant. Dêr lei in barte fan de wâl nei it skip ta en as ik de sydberje losmakke, foelen in protte biten sa yn it skip. De rest moast ik der ôfskeppe, de skipper rôde der fierder mei en ik gie wer mei Klaas werom nei it bitelân. Dêr hiene de manlu yntusken wer in wein fol en ik koe de folgjende loop nei it skip meitsje.



*De Opslag  
oan it Ald Tún,  
mei in (turf?)  
skip foar de  
wâl.*

Al it ark dat doe op 'e pleats fan Van Kleffens wie, wie hynderark: in ploege, in meanmasine mei sa'n meanbalke, in skodder, in eide, wat boereweinen en dat wie't sawat. Folkert Sijtsma wie de man dy't de geultrekker bestjoerde, in apparaat dat fjouwer geulen tagelyk meitsje koe, dêr't alle oaren de ierdappels ynlijze moosten. As de ierappels ynlein wiene, waard de geultrekker wat feroare en dan koe dat apparaat wer fjouwer rêgen tagelyk opstrike, ek dat wie it wurk fan Folkert. Hy koe dat omraak, dat sok wurk die hy altiten. Ljibbe Weidenaar kaam op de pleats om te siedzjen, Harm Sjoukes Dijkstra kaam mei de selsbiner om it weet te meanen. Wy as arbeiders setten dy skeaven yn stûken, dat stie in fjirtjin dagen op it lân te droegjen en dêrnei waard it yn 'e skuorre opslein en winterdeis troch de terskmasine fan Van der Lei ferfurke.

### **De earste trekker**

Jan Slim fan de Langgrousterwei (no Meirink) wie de earste boer yn Nijtsjerk dy't in trekker krigie, in reade McCormick. Auke van Kleffens

sei doe tsjin my: "Piter, takom' jier krije ik ek in trekker en dêrom wol ik datsto nei de kursus motortechnyk giest aan de Lânbouskoalle yn Mitselwier." Dat wie in kursus op tongersdeitejûn en twa winterskoften lang. It wiene hast allegear boeren en ik siet dêr as fierwei de jongste tuskenyn, mar it lei my wol dat ik ha in protte opstutsen.

De trekker dy't Van Kleffens kocht, in Dearborn, waard levele troch Siersma fan Dokkum en stie op in gegeven momint efter op it hiem. Ik wie eins de iennichste dy't der op ride mocht, al it trekkerwurk wie dus foar my. De oare manlu hiene der ek gjin ferstân fan, wiene al wat âlder, dat om harren hoegde it ek net. Letter rieden Dulleman en ik der beide op en Willem Sijtsma, dy't letter op 'e pleats kaam, waard ek trekkersjauffeur.

In kear wie der wat mei dy trekker en ik sei tsjin Van Kleffens dat it neffens my fersliten koppelingsplaten binne. "Tinksto datst 'm meitsje kinst?" No helje dan nije ûnderdielen op en besykle it mar. Ik helle de trekker útinoar, de foarein kaam op in blok en de efterein ek, alles lei yn it weinhok. Komt Siersma net op 'e pleats! Dy gie nei de foarein en ik mar hoopje dat er net yn it weinhok komme soe, mar ja, dêr wied er al, mei Van Kleffens. Hy seach dy trekker yn twa parten op blokken



*Willem Dulleman en Pieter Post (efter it stjoer) op de Dearborn, de pleats fan Van Kleffens op de eftergrûn.*

lizzen en sei: "Wa hat dat dien?" Piter, sei Van Kleffens. "Kin dy soks dan?" Piter tinkt dat er wat mei de koppelingsplaten is en hy set der nije ûnderdielen yn. Siersma sette poerlulk ôf: in klant kwyt, want hij koene se de trekker sels ûnderhâlde!

It earste jier ha wy noch ploege mei in twaskarige hynsteplooge efter de trekker, wy hiene doe noch gjin spesifyk trekkerark. As men mei in hynder ploeget en men komt op 'e ein fan it lân, kin men de ploege mei in hindel omsmite: it izer dat ûnder sit, komt boppe en oarsom, dan kin men wer fierder ploegje want de fuorgen moatte allegear deselde kant út lizze. Op dy trekker koe dat net en dêrom giene wy mei ús twaën en op 'e ein stapte de byrider der ôf en smiet de ploege om. Wy wikselen sa no en dan fan funksje. In kultivator hiene wy ek en in selsmakke frame dêr't trije eiden yn hongan, dat wie al it trekkermateriaal. Dy trekker ried op bensine, dat hellen wy by Jaap Elzinga (no Durk en Moeny) aan de Dokkumerwei, dy hie in bensinepomp. Letter wenne Jaap Elzinga yn 'e buorren foar ús oer (no Lolke Bergema).

Yn 1952, ik wie krekt 20 jier wurden, moast ik yn tsjinst en sa rekke ik by Van Kleffens wei. Ik bin yn Ede opkommen, ha dêr myn basisoplieding hân en moast doe nei Oirschot. Ik waard sjaffeur op in Quad (in Morris C8 FAT), in koart frachtweintsje mei in kanon der efter. Ik kaam doe ienris yn 'e moanne thús en fan de 22 moanne dy't ik yn tsjinst west ha, siet ik fêst 18 moanne yn Oirschot foar't ik oerpleatst waard nei Wezup-It Harde. Ik wie doe ek rydynstrukteur en kaam betiden it hiele lân troch. Ik ha ek wolris mei dy Quad yn Nijtsjerk en by Antsje aan west, dy wenne doe by har âlden aan de Alddyk.

## Nei Van der Lei

Yn maart 1954 swaaide ik ôf, it lânwurk kaam aan en ik koe by Piet van der Lei terjochte. Alde Kees van der Lei hat it spul set dêr't Livius en Christina no wenje, De Buorren 6. Dat wie yn 1935, eartiids stie der in pleats mar dy is yn 1929 opbaarnd. Kees van der Lei hie eins allinne mar terskmasines, mar dêr hat er in goede namme mei oppboud want hy kaam oeral yn de hiele omkriten: simmerdeis terskje op it lân en winterdeis by de boeren yn 'e skuorre dêr't it graan opslein wie. De hiele famylje Bergema wurke sawat by Kees van der Lei: âlde Durk,

## Jubilea te Ooster-Nijkerk

Veertig jaar is de heer D. Bergema Sr. te Ooster-Nijkerk in dienst geweest bij het loondorsbedrijf van de firma Gebr. Van der Lei. Uit handen van burgemeester Sijtsma ontving hij daarvoor de ere-medaille in brons, verbonden aan de Orde van Oranje-Nassau. De heer L. Bergema is 25 jaar in dienst van de firma geweest.

Lolke, Jabik en jonge Durk. Fierder Bram Talstra fan Wierum, guon út Mitselwier, ja der wiene fêst in 8 arbeiders nedich want by elke terskmasine wiene, neist de arbeiders fan de boer, in 4 man eigen personeel fan Van der Lei yn aksje. Yn 1940 is Kees van der Lei ophâlden en naam skoansoan Mûnte Gardenier it oer aan 1948 ta, doe't er yn Grimma Herna kaam te wenjen oan de Langgrousterwei. Kees van der Lei woe ha dat syn soan Piet de saak oernaam. Piet wie earst beropsmilitêr en hat skoftan yn Ingelân omslein, dêr wie fuort nei de oarloch de oplieding ta sersjant yn it Nederlânske leger. Yn 1948 wied er 23 jier, is er mei Baukje troud en kamen hja yn de saak oan 'e Buorren te wenjen.



*Terskmasine fan Van der Lei by boer Duinstra ûnder Wierum, 1936. Boppe op de masine Wiebe de Vries, op de wein Auke de Jong. Fierder flnrj: Kees van de Lei, Lolke Bergema, Tjerk Duinstra, Bram Talstra, D. Torensma en Lieuwe Sipkes. Alhiel foaroan sittend Brand Holwerda en B. Weidenaar.*

**PIET VAN DER LEI en  
BOUKJE JACOBA**

**TORPSTRA**

hebben de eer U, mede  
namens wederzijdse ouders,  
kennis te geven van hun  
voorgenomen huwelijk,  
waarvan de voltrekking D.V.  
zal plaats hebben Donderdag  
11 November om 1 uur te  
Dokkum.

Kerkelijke bevestiging 's na-  
middags 2 uur in de Ned.  
Herv. Kerk te O.-Nijkerk  
door de Weleerwaarde Heer  
D. Eveleens.

Woudweg E 224,  
Hoogstraat C 3,  
Dokkum, Oct. 1948.

Toekomstig adres:  
Ooster-Nijkerk no. 134

Doe't ik by Van der Lei kaam wurken Atze  
van der Veen, Lolke en Jabik Bergema,  
Johannes Haaksma, Harke Douma en  
Willem Postma der en dêr kaam ik by, mar  
der wiene ek noch tydlik oaren. Sa ha'k  
dat earste jier mei Jaap Fokkes (van der  
Wagen, hy wie winterdeis walfiskfarder en  
holp simmerdeis by Van der Lei) yn de  
Noardeast Polder wurke. Van der Lei hie  
in Union-flaaksplukmasine en dy ha wy  
mei in MAN-trekker derfoar hielendal nei  
de omkriten fan Urk, seksje 27 wit ik noch,  
sleept en ha dêr foar de Belgen it flaaks  
plukt. Wy slierten dêr mei Jules en Albert  
en noch in stik as tsien Belgen yn in  
barak. Dy Belgen setten de skeaven, dy't  
wy mei de flaaksplukmasine makke hiene, op ruters en as it flaaks  
droech wie brochten se it mei harren 'camion' (sa neame se in  
frachtwein yn België) nei België ta.

Van der Lei hie doe al sels in siedmasine, dat wie dus net allinne mear  
it wark fan Ljibbe Weidenaar mei de hynders. Hy hie ek fjouwer  
combines, de âlde terskmassen wiene der sels noch. Mei de  
knopbrekker ha'k noch by boeren lâns west. Dy hiene it flaaks yn 'e  
skuorre en de arbeiders rûpelen dêr winterdeis op 'e rûpelbank tusken  
dy grutte tinen de kerrels der ôf en dy knopbrekker helle it tsjéf fan de  
kerrel.

Piet van der Lei hie it net maklik as leanwurker, it lei 'm net echt, faaks  
hied er it as beropsmilitêr better nei't sin hân, mar yn alle gefallen rekke  
er oerspand en gie hy mei Baukje nei Putten en de boekhâlder, dat wie  
Thomas Jacobs Holwerda fan Trijehuzen, waard syn bedriuwslieder.  
Thomas en Martsje kamen yn de buorren by de saak te wenjen. Al gau  
kaam der wat wriuwing tusken my en de nije bedriuwslieder, it  
akkordearre net en dêrom bin ik by Van der Lei weigien, dat wie yn  
1956.

### **Kraanmasinist**

Yn dy tiid hiene de Tilkema's mei har frachtweinen in gearwurking mei  
Tangerman fan Feanwâlden dy't in hannel yn sân en grind hie. Se  
kochten in grutte Büger kraan mei in laadbak fan 500 liter en fan dy  
lange tinen foarop.

Dy bak siet oan kabels en sa koed er fuortsmiten en wer ynhelle wurden, sa gie dat. Tseard Tilkema wenne doe oan de Dokkumerwei (no Durk en Moeny) en dêrneist stie in wenwein en dêr wenne in sekere Theo yn en dy wie harren kraanmasinist. Ik krike te hearren dat it net al te bêst foldie, dat dêrom bin ik dêrhinne stapt mei de fraach oft ik ek kraanmasinist by dat bedriuw wurde koe. Ik hie noch nea op in kraan sitten, mar dêr soe'k mei rôde. De hiele middei ha wy sitten te praten en doe hiene wy in kontrakt op papier. Ik soe f 75,- yn 'e wike fertsjinje en dat wie nochal wat mear as de f 45,- dy't ik as fêst arbeider by de boer yn 'e wike barre koe. Ik krike de folsleine ferantwurding oer de kraan: ik moast mei alles rôde. Dat betsjutte dat ik moarns om healwei sânen mei ien fan de Tilkema's as mei Daan Cuperus, dy't ek foar de Tilkema's ried, nei de kraan brocht waard en dêr de hiele dei dwaande wêze soe mei de kraan om de 12 kipers dy't Tilkema te ride hie, fan sân te foarsjen oant jûns healwei seizen-seis oere ta. De sneons soe der net rideen wurde, mar dan waard ik ál nei de kraan brocht want dan koe ik oan ûnderhâld warkje: alles smarre, ûnderdielen ferfange wêr nedich, lytse reparasjes, ja alles wat nedich wie om troch de wike de kraan foar 100% draaie kinne te litten.

De kraan helle it sân ûnder de greiden yn 'e Wâlden wei, dy leine wat heech en koene bêst in meter, somtiden oardel meter, hichte misse. Ik helle mei de kraan de boppeste laach swarte modder fan it lân ôf en lei dat opside en dan waarden de kipers folladen mei dat sân. De swarte modder der wer oerhinne en dan wie der sa'n lyts mantsje út Driezum mei in kompasrichttastel dy't soarge dat alles wer op de krekte hichte kaam te lizzen. Mei de bak skode ik it wat flak en hy die hijr en dêr in taast mei de skeppe. Sa gie dat lân foar lân yn de omkriten fan de Eeltsjemar, mar ek yn Damwâld op nei Wâlterswâld. Dêr hie in partikulier in grut hiem en dêr koe bêst wat hichte ôf.

No wie der ien sjauffeur dy't tige krekt op syn auto wie, net in krûmeltsje sân mocht op syn kabine telâne komme, oars waard er lulk.



No stie der op in moandeitemoarn wat wetter op it plak dêr't ik beginne soe te graven mei de kraan en doe koe ik it echt net litte: mei de bak helle ik in fluts fan dat sân mei in protte wetter, swaaidde de kraan oer de man syn kabine, luts efkes aan de kabels fan de bak en fuort wer omheech. It gefolch wie in striel wetter mei sân oer dy skjinne kabine, no doe hiest dy man ris razen hearre moatten. De oaren seine: "Piter, do moast ophâlde oars slacht er dy de ruten út 'e kraan!"

It measte sân dat op dizze wize frijkaam, is brûkt om de Holwerter Pier langer te meitsjen. Dy pier is yn 'e oarloch troch de Dútsers oanlein as oanlisplak foar de fearboat nei It Amelân en waard krekt yn it jier dat ik kraanmasinist wie in hiel stik langer makke; it is bêst mooglik dat 90% fan dy pier troch myn kraan ferwurke is. Dochs ha ik mar ien jier dat wurk dien.



*De Holwerter Pier noch yn âlde steat.*

Dat kaam sa. Der wie ôfpraat dat ik sneons net kipers hoegde te laden om't ik underhâldswurk oan de kraan dwaan moast; dêr hie'k troch de wike gjin tiid foar om't ik dy

12 kipers fan sân foarsjen moast. No ja, se koene noch in frachtwein fol meikrije as se my sneons teplak brochten mar fierder net, dêr hie'k gjin tiid foar. Dochs kaam it wat langer wat mear foar dat ik dochs meardere frachtweinen lade moast want "dy moast noch sân ha en dy noch", sa gie dat moannen lang. Ik krige skjin myn nocht der fan want soks hiene wy net ôfpraat. Op in sneon barste de bom. Ik kaam breinroer thús om't ik wér kipers lade moatten hie. It iten hiene wy kreksawat behimmele doe waard der oan 'e doar roppen: "Is Piter der ek?" Dêr stie Freark Tilkema en dy woe ha dat ik fuort meikaam want "dêr moast noch sân hinne en dêr..." It bloed waard my súpe, sizze se wolris, as 'hy krige in reade waas foar eagen', no sa gie dat by my! Ik ha neat sein, mar bin op him ôfstand en ha him slein en skopt wêr't ik him mar reitsje koe. It wie in gelok dat ús heit yn de keamer wie en

tuskenbeide srongen is, oars hie't net klear kaam, sa dwers troch alles hinne wie ik.

Dat seizoen ha'k it kraanwurk noch ôfmaakke en doe is de kraan nei de warkpleats fan Siersma aan de Rünwei yn Dokkum brocht. Dy kraan ha'k dêr hielendal útinoar helle, fan nije ûnderdielen foarsjoen en nei seis wike wied er sa goed as nij. Tangerman kaam geregeldwei ris te sjen hoefier't ik wie en woe ha dat ik by him bliuw, mar dat wie foar my net besprekber mear.

### **Wer nei Van der Lei**

Nei de tiid as kraanmasinist ha'k twa moanne yn 'e WW sitten, dat sil begjin 1957 west ha. Yn dy tiid ha'k mei Willem Postma, Willem en Hinke wennen doe yn de foarein fan De Terp 1, beammen roaid yn de tún fan de herfoarme pastorije. Wy hiene in seachmasine mei in stasjonêre motor en dêr ha wy alles mei yn moatsjes seage.

Op in sneontemiddei stapte Piet van der Lei foar de ruten lâns. Wy wennen doe yn in lyts hûske dat tsjin de efterein fan it hûs fan Jappie Tanja oanboud wie. Doe wenne Tamme' Hieke (de Vries) dêr. Letter is dat hûske der weibrutsen om de winkel grutter meitsje te kinnen. Piet woe ha dat ik weromkaam op it leanbedriuw fan Van der Lei en hy sei der by dat hysels ek wer weromkomme soe om de lieding op him te nimmen. Dat like my skoan ta dat ik sei tsjin him: "Wanneer?", want ik fûn it leanwurk útsoarte ferhipte moai. As it wurk yn 'e maitiid wer begjint, sei er, en sa is it ek gien. Piet hat my doe yn de rin fan dat jier ek frege hoe't ik de takomst seach foar in leanbedriuw. Dêr ha'k lang oer prakkesearre en doe binne der stadichoan wat dingen feroare.

No hie de firma Van der Lei yn dizze omkriten altiten in goede namme en wie meast wat moderner as oare bedriuwen lykas Rense Cuperus en Piet Vrieswijk, Dijkstra fan Moarre en Gysbert Zijlstra fan Eanjum. Mar de úntjouwing yn de lânbou gie troch en dêrtroch ek yn de wrâld fan de leanbedriuwen. De lytse gernierkes mei 4 kij en 15 pûnsmjit lân wiene der yn dy tiid noch al, mar dat begûn stadichoan op te romjen, dat dêrfoar yn it plak moast oar wurk socht wurde. De regio fan it leanbedriuw fan Van der Lei wie sawat oan Ternaard ta en dan dit kant út Eastdongeradiel yn, mar net efterdyk, dêr wiene oare leanbedriuwen aktyf. Fan 1957 oant 1962 wurke ik dus wer by Piet van der Lei en doe sei er op in dei tsjin my: "Soest it leanbedriuw fan my oernimme wolle?" Doe wreau ik mei de tomme en de wiisfinger: en de sinten dan? "As dat de swierrichheid net is, soest it dan wolle?"



*It bedriuw aan De Buorren 6, maart 1979.*

Om my moarn wol en doe ha'k fan 1962 oant 1965 as it ware 'proefdraaid': it bedriuw wie noch fan Piet, mar ik krike de eigentlike lieding, regele alles, ja oan de sinten ta. Mar der wie net ien dy't it wist, ja, ús âldelju mar fierder net ien. De mannen tochten dat ik bedriuwslieder wie foar Piet van der Lei en dêrom alles regele.

Sa giene Piet en Baukje ris in pear dagen fuort en soe der krekt yn dy dagen in fertsjintwurdiger delkomme. Piet woe ha dat ik ús lytse biteroaiserke ynruilje soe tsjin in Stoll-biteroaiser en dan moast der noch in bepaald bedrach by, hoe heech dat wie, wit ik net mear. No, de man kaam del, earst in praatsje yn it kantoar en doe sei ik: "Wolle jo ek wat te drinken, in gleske bier as sa?" Asjeblyft, sei de man en wy giene nei de keamer ta. De man prate en prate, ik besocht him wat út te kloarkjen en sette sa no en dan in fleske bier op tafel. Op't lêst sei ik tsjin de man dat wy eins bêst twá biteroaiers brûke koene. Doe wie dy man al hielendal út 'e skroeven en ha wy alles op papier set. Piet van der Lei kaam nei dy pear dagen wer thús en wie benijd hoe't it gien wie. Sjoch mar ris yn it laad, dêr leit de oarderbefêstiging. Piet pakte dat papier, seach der ris goed nei en sei: "Piter, dit kin dochs net! Hat dy man syn ferstân wol?" Ja, dat wit ik net krekt, hy hie al in pear súpkes op doe't er hjir kaam en doe't er op 'e saak weromkaam, sil er fêst goed op syn kop kriegen ha fan syn baas. As se der oer beginne,

mar rstich bliuwe, se kinne dochs net oars want alles stiet op papier.  
Piet van der Lei hat it opret en wy hiene twa nije Stoll-C40 biteroaiers.

### **Landbouwservice Post**

Yn 1965 ha wy it bedriuw fan Van der Lei echt oernaam. Piet en Baukje giene nei Lunteren ta te wenjen drt hy begn te kweken en te hanneljen yn fgels, fan lyts ta grut. Hy gie dr hiel Europa foar troch en syn soan Kees van der Lei docht no krekt itselde, dy wennet yn Dedemsvaart.

Wy wennen aan de Buorfinne drt Jan en Gryt no wenje en kamen doe aan De Buorren 6 by it bedriuw te wenjen. De measte arbeiders dy't by Piet wurken, binne bleaun: Atze van der Veen, Harke Douma, Johannes Haaksma en Lolke Bergema. Willem Postma gie net mei oer en drfoar yn't plak kamen meardere oaren lykas Piet Sijtsma, Douwe Meinsma (in broer fan Antsje), Sietse Blom, Albert Bandstra ensfh.



*Douwe Meinsma oan  
it wark op de  
wurktchdrager, sels  
boud en ntwikkele  
troch de firma Post.*

Ien fan de earste dingen dy't ik doe oanskaft ha, wie in wurktchdrager. Dat is eins oars neat as in motor op in frame, in kabine der op, en oan dat frame kin fan alles befstige wurde. Allinne al troch dy wurktchdrager kriegen wy mear klanten en waard s regio folle grutter om't wy de iennichsten wiene mei sa'n ding. Eartiids moast in gernier dy't net sels in hynder hie nei in oar ta om te freegjen oft er in hynder brke mocht. Mar doe koed er nei s stappe en kamen wy mei de wurktchdrager mei in keunstmeststroaier foarop, dan de siedmasine en as it moast noch in eide efterop en de gernier wie fierder frij man.

## **It leanwurk it jier troch**

It earste wurk yn it jier wie it lân klearmeitsje, ploegje en kultivaterje en sa. Dan kaam it siedzjen en dêrmei ha wy 'de wrâld út' west, benammen om't wy de earsten wiene mei in presyzje-siedmasine:



kerreltsje foar kerreltsje kaam yn 'e grûn en dêrmei wie it trochslaan en bite-ienjen net mear nedich. Soks duorre hast oan maaie ta. Ierdappelsette diene wy net, mar geultrekke wol en as de arbeiders de ierdappels der yn lein hiene de rêgen opbouwe.

As de plantsjes opkamen wie it tiid om mei de wurktúchdrager te wiuden. Dêrnei it gers ynkûlje as yn't hea. Yn dy tiid wiene wy hjir de earsten yn de omkriten dy't gebrûk makken fan ladeweinen. Yn't earstoan ha wy noch silo's fuld mei gers om dat sa yn te kûljen; dat diene wy mei in kraantsje. Letter waarden dat rydbulten en dat is no noch sa. Wy hiene trije heapersen en dêr ha wy rûnom mei oan't wark west, ja sels guon boeren yn 'e Wâlden ha wy jierren oanien as klant hân.

As it kûljen oan kant wie, kaam der efkes in gat yn de wurksumheden en waard it tiid dat wy de loads yn giene foar reparaasjewurk. Soks diene wy mei de fêste arbeiders winterdeis ek. Dêrnei kaam it terskjen fan it graan en dat duorre fêst in wike as fiif. Wy hiene fjouwer combines, trije Claysons en in Braud. Yn it begin wiene de âldere terskmasines der ek noch, mar dat is gau ophâlden, dat koe net mear.

Der wie noch al in silverkleurige Nimfeld, dat wie in saneamde stûke-tersker. As Harm Sjoukes mei syn selsbiner west hie om it graan yn skeaven te binen en it graan nei in fjirtjin dagen droech genôch wie, kamen wy mei dy stûke-tersker op it lân. Dêr siet in foarlader op dêrt de skeaven opsmiten waarden, in mes snied de touwen stikken en sa waard it graan de tersker ynfiert. It graan waard opfongan yn sekken en it strie foel op it lân. Op sa'n wize hoegden de arbeiders winterdeis net meer trijerisom te tersken yn de skuorre yn it terskhûs.



*Biteroaien yn letter tiid op it stik lân yn de Kegen efter De Lyts Ein. Jan Post sit efter it stjoer.*

Nei it terskjen kamen de biten: dêr wiene wy ek fêst seis wike mei beset en dat wie fuort ek ús drokste tiid, benammen as troch it waar it terskjen wat efterop rekke wie. De earste preemje-biten moasten der al út wylst der noch weet terske wurde moast. Us earste biteroaier koe mar twa rigels meinimme, snijde it lof der ôf dat yn in bak foel, de biten waarden omheech brocht yn in oare bak en as dy fol wie, koene je mei in hindel dy bak leegje: sa kamen dy biten yn bultsjes op it lân te lizzen en ried de roaier wer troch.

*Wy ha de kofje op, mar Piter is noch net útpraat, dat wy sille de oare kear wer fierder. Dan moatte wy it noch ha oer de grutte flecht dy't Landbouwservice Post yn de rin fan de jierren makke hat: klanten fan Oentsjerk oant yn it Oldambt yn Grinslân.*

RT

# Kapsalon Geartsje en Schoonheidssalon Nadine

organizeren op 5 april een

## Lente en lifestyle open dag

Ontdek de nieuwste haartrends, welke kleur bij u past en vind de oplossing voor uw haar probleem. Daarnaast tips voor huidverjounging, huidproblemen en het verwijderen van huidoneffenheden, voetverzorging, voeding en beweging en wat te doen tegen pijnlijke spieren.

Begin de lente bij uzelf!

Tevens aanwezig:

**Adviesbureau Voeding en Sport (AVS):**

Sita Veenstra

**Cosmetische arts:**

Dokter Isabella Savic

**HairReset Jantien:**

Jantien Stienstra

**Optimum Personal Training & Coaching:**

Baukje Veenstra

**Shiatsu Therapie:**

Y Hiemstra


**Voetverzorging:**

Rennie Meinema



Lente & lifestyle open dag op zaterdag 5 april 2014  
van 10.00 tot 17.00 uur aan de buorren 20 in oosternijkerk.

## **BIB - Maple Skate**



In deze editie willen wij u graag kennis laten maken met Maple Skate. Maple Skate is gevestigd op 't Oogh 14. Na alle successen die in Sotsji behaald zijn, is er natuurlijk maar 1 bedrijf die in deze rubriek mag schitteren.

Paul Bos, Internationaal Salesmanager, is degene die mij van de nodige informatie heeft voorzien. De producten die in Oosternijkerk worden gemaakt zijn:

- Langebaanschaats/marathonschaats
  - Shorttrack schaatsen
  - Inline skates (skeelers)

Het bedrijf kent 2 verschillende merken: - Maple  
- Raps

De toprijders schaatsen op Maple Skate en de Raps zijn bedoeld voor de recreatieve rijders. De verkoop van Maple Skate schaatsen vindt plaats via dealers, ofwel schaatsspecialisten. Raps schaatsen kunnen via dealers, maar ook via de webwinkel ([raps.nl](http://raps.nl)) gekocht worden. Dealers dichtbij Oosternijkerk zijn Hajma te Stiens en Skeeler & Schaatsshop Van Lingen uit Twijzelerheide.

De naam Maple Skate is tot stand gekomen, omdat bij de ontwikkeling van de eerste schaatsen een Canadese testrijder betrokken was. Als verbindend symbool is toen gekozen voor de Maple leaf, wat in het Nederlands gewoon een esdoornblad is. Maple Skate is een 100% Nederlands bedrijf.

De Maple Skate schaatsen worden ontwikkeld voor de echte topsporters, deze worden in goudkleur uitgevoerd en zoals we gezien hebben is dit absoluut niet te hoog gegrepen.

Één van de geheimen van de Maple Skate, waardoor steeds meer toppers kiezen voor de gouden schaatsen, is de stijfheid van de schaats. De schoenen die gebruikt worden door de topschaatsers zijn thermoplastisch. Vanwege het feit dat de schoen thermoplastisch is, kan deze na verhitting precies naar de voet van de rijder gevormd worden, hierdoor ontstaat een perfecte pasvorm.

De prijs van de verschillende modellen is altijd terug te leiden naar keuzes in materiaal. Zo gebruikt men bij een beginnersschoen bijvoorbeeld glasvezel, wat de juiste eigenschappen bezit voor een kwalitatieve schoen. Maar het is bijvoorbeeld niet zo licht (en dus ook minder kostbaar) als carbon, wat men o.a. kan terugvinden in de duurdere modellen van Maple. Dat is natuurlijk, omdat elke gram belangrijk is in de topsport.

Het merk Raps zat vroeger in Almelo en is aangekocht om naast de wedstrijdtoppers ook de recreatiemarkt te kunnen bedienen. "Op die manier zijn we voor onze dealers nóg meer van waarde, omdat ze voor schaatsen uit alle segmenten bij ons terecht kunnen". De Raps-voltage is in 2009 verkozen tot de beste recreatieschaats. Bij deze verkiezing wordt er o.a. gekeken naar: comfort, degelijkheid, constructie en prijs-kwaliteit verhoudingen.

Naast het schaatsen worden er ook volop activiteiten georganiseerd wat betreft de inline skates. Op 21 maart organiseert Maple Skate een inline skate trainingskamp in San Benedetto del Tonto in Italië. Op deze locatie werden in 2012 de wereldkampioenschappen skeeleren gehouden.

Maple Skate gaat met 120 rijders 9 dagen lang naar deze plek om daar op dezelfde piste te trainen en te genieten van het mooie weer. De 120 rijders komen overal vandaan ( Columbia, Tsjechië, Duitsland, België, Denemarken en natuurlijk ook uit Nederland ). Het kamp is voor skaters van alle niveau's, van wereldtopper tot beginnend skeeleraar.



Wist u dat:

- Falco Zandstra wereldkampioen werd op Raps.
- Minstens 80% van de werknemers bij Maple Skate Fries sprekend is.
- De helft van alle schaatsers in Sotsji op Maple schaatsen reed.
- Jorrit Bergsma de eerste was, sinds 8 jaar, die Sven Kramer kon verslaan.
- Jorrit Bergsma Goud won in Sotsji op Maple Schaatsen
- Alle overwinningen bij de mannen in het marathonschaatsen afgelopen jaar werden behaald op Maple Schaatsen?
- 8 van de 10 huidige wereldrecords zijn behaald op Maple Schaatsen.
- Stefan Groothuis Olympisch kampioen is geworden op Maple schaatsen.
- Jorien ten Moors, Victor An en Sang-Hwa Lee goud scoorden op Maple schaatsen.

Hierbij wil ik Paul Bos nogmaals bedanken voor de tijd die hij voor mij kon vrijmaken in deze zeer drukke periode.

PJH



In verband met drukte in de terp op 4 april a.s. hebben we de planning aangepast. Op 4 april klaverjassen we in Nes en op 11 april in Oosternijkerk.

Dit zijn tevens de slot avonden van het seizoen. Oan't Sjen!

Jan Bergmans

## Benefietconcert Sviatoslav



Zaterdag 1 maart jl. hebben wij als steunpunt sviatoslav Oosternijkerk een benefietconcert georganiseerd in samenwerking met Prime suspect en de kolkenblazers. Het was een ontzettend geslaagde avond! De



opbrengst van dit benefietconcert gaat naar de bakkerij in Tadzjikistan. Komende zomer gaan er weer een grote groep uit Oosternijkerk en omstreken naar Tadzjikistan. Zij gaan hier een bakkerij opzetten. In Tadzjikistan verkopen ze

geen 'normaal' brood zoals wij dat kennen. Als wij de kinderen leren om dit te bakken is dit waarschijnlijk goed verkoopbaar. Zo willen we de kinderen leren om zelfstandig hun geld te verdienen. Op de avond van het benefietconcert is er €6500,- opgehaald! We willen hier bij alle sponsoren en iedereen die aanwezig was ontzettend bedanken. Ook willen we bij deze de mensen die bij de stampotactie zijn geweest heel erg bedanken! Het was weer een groot succes en we hopen jullie volgend jaar weer te zien!

Op 2 en 3 mei organiseren wij weer een Sit In. Wij gaan dan 24 uur lang klusjes doen om zo geld op te halen. Heeft u leuke klusjes die wij voor u kunnen opknappen? Ook dingen die wij in het lokaal kunnen doen zodat we s'nachts ook bezigheden hebben? Laat het ons weten via [sviatoslav.oosternijkerk@live.nl](mailto:sviatoslav.oosternijkerk@live.nl)

Groeten team steunpunt Sviatoslav Oosternijkerk

## 25 Jier Lyn yn de Doarpsskille



### NIJKERKER MIDDENSTAND VAN 60 JAAR GELEDEN.

Hierbij een terug blik in het verleden. Wat ongeveer zo'n 60 jaar geleden, in onze jeugd, in Oosternijkerk aan dienstverlenende bedrijven aanwezig was. Niet meegerekend zijn de boeren, los- en vaste arbeiders en oudere mensen die bij iemand anders werkten. De in onderstaande rij eerstgenoemden, zijn de bewoners van zo'n 60 jaar geleden en daar achter de huisnummers en de bewoners van 1989. (*krekt oarsom!*) Wanneer de huizen zijn afgebroken, proberen we te om schrijven waar die huizen hebben gestaan. We hebben ons best gedaan om het zo goed mogelijk te misschien was het iets anders, vooral met de juiste tijd, maar dit was zoals we het nog in onze gedachten hadden.

Jan en Pietsje Weidenaar.

#### ALD TUN

- |                                       |                                                              |
|---------------------------------------|--------------------------------------------------------------|
| 30 - G. Groenwold                     | - Minne Holwerda, petroleumwenter                            |
| Oprit naar Duitsers                   | - Wiltje Rozendal, turfchipper                               |
| Tweede huis op de oprit naar Duitsers | - Gjetsje Kooistra, koffie/thee                              |
| 24 - Schreiber                        | - Halbe Halbesma, kruidenierswaren                           |
| 26 - K. Pompstra                      | - Renze Dijkstra, politie-agent                              |
| 20 - Grunowitsch                      | - Geert de Vries, kruidenierswaren, ventte met de hondekar   |
| 18 - A.J. Methorst                    | - Kees de Boer, 1 keer in de wek bootdienst naar L'den (vee) |
| 4 - E. Blom                           | - Sietse Blom, aardappelhandel                               |
| 3 - J. Dijkstra                       | - Gerrit Gardenier, kantoorhouder Boerenleenbank             |
| 1 - W. Dijkstra                       | - Slagter en Zwart, kunstmesthandel                          |

#### GRIENE WEI

- |                               |                          |
|-------------------------------|--------------------------|
| 1 - B. Kooistra               | - Jan Jousma, timmerzaak |
| 8 - T. de Vries/Zwart-Ruperus | - Cuperus, schilderszaak |

## DE BUORREN

- 45 - P. de Boer - Lykela de Boer, Fouragehandel
- 43 - De Donge - Gerrit Aetses de Jong, beheerder postkantoor
- 43 - De Donge - Aetse de Jong, rijwieler (in een hok achterin)
- 41 - P. Hoogland - Pieter Postma, Spar-winkel
- 37 - D. Weidenaar - Knilles Wouda, kruidenierswaren op zolder: klompen
- 35 - S. Rozendal - Sieger Rozendal, kachel- en fietssmid
- 25 - J. Berga (leeg) - Frederik Zijlstra, manufacturen
- 23 - F. de Boer - Jabik Johannes Elzinga, installateur
- 21 - D. Bergema - Douwe Tilkema, veevervoer
- 19 - P. Cuperus/Talstra - Gebroeders Kees en Münte van der Lei, loondorsbedrijf
- 11 - J. Tanja - Woonhuis bovenmeester Openbare School (Reiding)
- 3 - B. van Dellen - Melle Boersma, bakker
- 1 - K. vd Ploeg - Siebe Postma, wagenmaker
- Tuin tussen J. Jousma en G. Meijer - Sietse Grijpstra, verkocht de groenten uit eigen tuin
- Lege huis aan de weg - Hanne, weduwe Auke Faber, kruidenierswaren, oa mosterd
- 26 - R. Braaksma - Jan Postma, timmerman, maakte ook lijkkisten
- Garage B. vd Ploeg - Gjetsje van Dungen, piepklein kruidenierswinkeltje
- 22 - B. vd Ploeg/Jacobs - Jacob Y Heeringa, koopman in stro en veevoer
- 20 - Kapsalon Geartsje - Thomas de Wilde, timmerman
- 18 - J. Weidenaar - Eelze Weidenaar, busdienst en autoverhuur
- 16 - A. Kingma - Siemen Cuperus, vrachtrijder
- 16 - A. Kingma - Lieuwe "koopmansje" Sijtsma rookartikelen (hier kwam ook 1 keer in de week de kapper van Nes om de klanten te knippen (Jabik de Jong))
- 12 - J. de Jong - Tamme Lolkema, melkprodukten

- 10 - D. Hansma  
 8 - Anne Kingma  
 4 - G. Sijtsma  
 Tuin G. Sijtsma
- Egbert de Vries, slager  
 - Klaas van Tuinen, smederij  
 en hoefbeslag  
 - Saakje Dijkstra, broodbezorg-  
 ster  
 - Jan Holwerda, veekoopman

#### De LYTS EIN

- 2 - Tj. Sijtsma  
 4 - (nu tuin)  
 6 - A. Braaksma  
 8 - K. Jansem  
 23 - J. Planting  
 15 - H. vd Mossel  
 9 - G.B. Holwerda  
 7 - T. Holwerda
- Tuin G. de Jong(achter)- Ytsen Noordhuis, schilder  
 Tuin G. de Jong(voor)- Fokje Kusema, kruidenierswa-  
 ren  
 3 - S. de Vries  
 1 - Y. Heeringa  
 Tuin A. Kingma
- Reinder Buwalda, bakker  
 - Froukje en Hinke van der Lei,  
 kruidenierswinkel  
 - Kimke de Zwart (Gerrits' Kimke)  
 naaister  
 - Pieter Tammes Lolkema, kaas-  
 handel  
 - Gjetsje Jousma, naaister  
 - Jaap Hartmans, bietenagent  
 - Theunis Faber, timmerman  
 - Ype Jousma, herbergier en  
 timmerman
- Jeltje Minnema (Jan'e Jeltsje)  
 broodbezorgster  
 - Klaas Taekes Lolkema, melk-  
 rijder  
 - Anna Postma (Smids' Anna)  
 huishoudartikelen

#### LYTSE BUORFINNE

- 26 - G. de Jong  
 36 - P. Braaksma  
 36 - (nu hok)
- Jelle de Vries, begrafenis-  
 bode  
 - Taede de Vries, wegwerker  
 - Jan Jongsmma, koster

#### FOEKKE SJOERDSSTRJITTE

- 1 - P. Meinsma  
 3 - Tj. Faber  
 5 - R. Cuperus
- Verwinkel Tilkema  
 - Siemen Boersma, bakker  
 - Jan Tilkema, kruidenierswaren,  
 brandstof/aardappelen

7 - G. Torensma	- Aaltsje Kingma (Jabiks' Aaltsje) kruidenierswaren
11 - A. vd Vee	- Sake Postma, schoenmaker
13 - J. de Jong	- Anna Rijpstra (Anna Pipertsje) kruidenierswaren
13 - nu tuin	- Hendrik Heeringa, petroleum- venter

#### DE TERP

Tuin tussen De Jong - Durk Haaijema, zoute haring en  
en B. Postmus petroleum  
3 - F. Postmus, nu - Dokter Fehrman, rustend arts  
de garage

#### LANGGROUSTERWEI

2 - F. de Vries	- Jan Sijtsma, herbergier
4 - nu tuin	- Martje Holwerda, baakster
4 - G. Cuperus	- Anne van Driesum, smederij en hoefbeslag
6 - T. Hoekstra	- Sjoerd deBoer, wagenmaker
10a - (Johannes Doedes)	- Trijntje Rijpstra, school- schoonmaakster/kachelaanzetster
Tuin Coster	- Doede Jongeling, kruideniers- waren
20 - Sj. Dijkstra	- Wessel Rozendal, postbode
26 - L. Sijtsma	- Frans Sijtsma, aadappelhandel
Afgebroken gemeen- tewoningen, nu de nrs. 28-46	- Johannes Pauzinga, aardappel- keurmeester
	- Marten Kooistra, handel in kleinvee
	- Marten Aetzes de Jong, vertegen- woordiger graanhandel
48 - Dr. G. Beckers	- Pieter Taekes Lolkema, politie- agent
49 - J. Dorhout	- Joeke Dorhout, loonbedrijf
35 - F. de Vries	- Bote Kooistra, installateur
9 - J.P. de Jong	- Bote Nieuwland, koster
5 - J. Walda	- Jacob Tilkema, schilder

#### ROPSTERWEI

2 - T.A. Dijkstra	- Tjeerd Holwerda, slager
6 - P. Postma	- Harm Dijkstra, loonbedrijf

12 - oude boerderij = Ype Heeringa, fouragehandel  
3 - N. Lesman = Siebe Steensma, veekoopman

MOUNEWEI

18 - Winterkamp = Sjoerd Sipma, konijnenfokker

BOLLINGAWIER

5 - H. Janssen = Klaas Steensma, veekoopman  
7 - A. Russchen = Nutte de Jong, haringventer  
21 - AE. Weidenaar = Jacob Popes de Vries, herbergier

Jan en Pietsje Weidenaar

TANKBER EN BLIID

BINNE WY MET DE BERTJE FAN US

BUERTFERIENING

DE BUORREN I



It Bestjoer

Piet Buwalda foarsitter  
Brechtje Bergema skriuwster  
Doetje Kingma skathåldster

(Banknr. 3461.63.846)

Easternijtsjerk, 27 Februario 1989

## Hoe is it no mei.....

---

Sybe van der Ploeg. Ik ben, na de brand in 2005 bij Holland Crop Oosternijkerk, verhuisd naar Ossendrecht in Brabant. Ik ben daar gaan werken bij de vestiging Holland Crop Ossendrecht. Ik heb daar 3 jaar als heftruck chauffeur gewerkt en daarna heb ik ontslag genomen. Ik ben nu werkzaam als service monteur bij Motraclinde. Hier ben ik werkzaam als monteur en doe reparatie, onderhoud en het keuren van heftrucks.

In Oosternijkerk was ik ook monteur van inpak machines en heftrucks.

In 2005, net voor de brand, had ik een huis gekocht aan de Ald tun. Dit huis heb ik weer verkocht en vervolgens heb ik eerst op een camping gewoond in Putte. Daarna heb ik een huis gekocht in Ossendrecht, waar ik nu nog woon met Akkelyn, waarmee ik ben getrouwd. Wij wonen met ons zessen in dit huis. Twee Teckels (honden) en twee Sphynxen (naakt katten)

Via mijn huidige baas rij ik een VW bus vol met gereedschap en onderdelen en ga bij de klanten langs in het zuiden van het land, regio Rotterdam/Moerdijk.

In mijn vrije tijd ben ik aan het klussen, want een eigen huis is nooit af, je blijft bezig. Regelmatig heb ik een feestje bij vrienden of in het café. Gezelligheid kent geen tijd. Of we krijgen bezoek uit Fryslân, die blijven dan een weekend. We rijden ook zo naar Antwerpen, daar zijn we in 20 min. We wonen hier mooi in een bosrijke omgeving, dus lopen we vaak met de honden in het bos.



Sybe van der Ploeg

## **Shakespeare aan de Fiver**

Als de mensheid over 100 jaar enkel en alleen in steden woont en zich dan afvraagt hoe het was om in een dorp te wonen, dan hoeft men maar één ding aan te halen om de sfeer goed uit te drukken: dorpsstoneel. Vergeet buurtfeesten, stoepranden, bij elkaar naar binnen gluren, koffieleuten, roddelen en het en masse comazuipen elk derde jaar. Neen, dorpsstoneel is de karakteristiek van een dorp.

Het is elke keer weer een samenkommen van het hele dorp. Er is bijna niemand die niet een familielid heeft die meespeelt en alle acteurs zijn natuurlijk bekenden. Waar men in films niet genoeg verschillende decors en scenes kan gebruiken heeft de Bunte Flinters genoeg aan één decor. En dan is vaak één item, een kast, een koelkast, meer dan genoeg om een avondvullend programma op de bühne te toveren.

Waar het naar mijn weten de meeste kerken om draait is timing en misverstanden. Jantsje moet Japke nodig iets vertellen waardoor zij niet langer in de problemen komt, maar elke keer als Jantsje op de overloop komt is Japke net weer verdwenen in de boekenkast, onder het tapijt of achter het behang. Maar Jantsje en Japke zijn niet de enigen in huis, Gerrit en Zus zijn er ook nog. En die horen steeds gestommel boven en vermoeden dat een lokaal sujet het op hun mooie en waardevolle De Kast Ip-collectie voorzien heeft. Terwijl Gerrit met de Ikea wokpan richting overloop loopt gaat Jantsje op zoek naar Japke in de aanliggende kamer en zo lopen ook Gerrit en Jantsje elkaar mis. En voordat je het weet zijn er negentig minuten voorbij van net-niet momenten en zit je zonder prijs aan het einde van de loterij. Balen, weer geen nieuwe koffiekop.

De laatste keer gooide men het over een andere boeg. Geen misverstanden en geen karakters die elkaar net mislopen. Nee, een stuk gevuld met allerlei gekken die stiekem niet zo gek zijn. Een wethouder die volledig geobsedeerd is door zijn politiek carrière en niet in de gaten heeft wanneer hij bespeeld wordt. Buren die tegen beter weten in nog getrouwden zijn en een verzorgster die haar cliënten onderschat. Een toneelstuk waar iedereen smakelijk van genoten heeft en die het dorpsstoneel voor mij naar een hoger niveau heeft getild. (Ik was nog niet sterk van geest toen Durk Slager met het mes in de rug uit

de deur viel, dus die laat ik buiten beschouwing) En als men halverwege ook nog eens een ode aan de meester maakt:

**'Slaad wêze as net wêze, dat is de fraach.'**

Dan kan mijn avond niet meer stuk. Alhoewel, ik had weer geen prijs in de loterij. grmbl

JJW



### **Grasbakken alleen voor gras**

In het zomerseizoen plaats de gemeente Dongeradeel op verschillende plaatsen in de gemeente grasbakken. De grasbakken zijn een extra service voor huishoudens waarvan de GFT container in het maaiseizoen aan de krappe kant is. Daarnaast zijn de grasbakken in het leven geroepen om te kunnen besparen op de verwerkingskosten van gras. Wanneer gras in de GFT container terechtkomt zijn de verwerkingskosten voor de gemeente circa 60 euro/per ton. Bij een aparte verwerking zijn de kosten beduidend lager. Inmiddels zijn de grasbakken weer geplaatst en wordt er goed gebruik van gemaakt.

Helaas komt het regelmatig voor dat er misbruik wordt gemaakt van de grasbakken. Er wordt dan niet alleen gras in gegooid, maar ook ander (grof) tuinafval. Hiermee komt de aparte verwerking van gras onder druk te staan en kan het plaatsen van grasbakken niet meer uit. Bovendien geeft het een rommelig aanblik voor de omgeving. Wij vragen alle gebruikers van de grasbakken alleen gras in de grasbak te doen. Ander tuinafval kunt u kwijt in de groene container. Grof tuinafval, zoals takken, kunt u gratis brengen op de milieustraat aan de Koailoane tussen Dokkum en Damwald. Bij herhaaldelijk misbruik van de grasbak kan de gemeente besluiten om de betreffende grasbak te verwijderen. Helaas worden de nette gebruikers hiervan de dupe!!

Gooi dus alleen gras in de grasbak. Dank voor uw medewerking!

# NIJTSJERKSTER SKRIUWERS(1)

Dit is de earste ôflevering fan in searje artikelen oer Nijtsjerksters dy't bekend wurden binne om't hja boeken skreaun ha en dêrtroch ek fierderop yn de provinsje namme makken. Wy beginne mei Jaap Hartmans en de oanlieding dêrta wie it feit dat dochter Alie Bierma-Hartmans de manuskripten, dy't hja noch bewarre hie fan har heit, oanbean hat aan it argyf, om sa bewarre te bliuwen foar de takomst. Besocht sil wurde om fan elke skriuwer earst wat te fertellen oer syn/har libben en dêrnei wat fan har skriuwen.

**Jacob (Jaap) Hartmans** (1895 Easternijtsjerk - 1974 Wolvegea)

## Syn libben

Jaap Hartmans wie in soan fan Melis Harmens Hartmans en Trijtje (Nynke) Jacobs Koopmans, hy stie dêrom yn Nijtsjerk ûnder de âlderden better bekend as Jaap Melis'. Jaap hie noch ien broer,

Harmen, meast Harm neamd. It gesin Melis Hartmans wenne sûnt 1891 koart aan de Ropsterwei 14 en ferhuze yn 1893 nei Bollingwier, nei de pleats op nûmer 3 dêr't Jaap yn 1895 berne is. Dy pleats is yn de jierren '70 ôfbaarnd en no wenje Jan en Gré Hoekstra dêr yn in hûs dat nei de brân op dat stee boud is. Troch de krisis yn de lânbou hie Melis Hartmans it net maklik om de holle boppe wetter te hâlden en yn 1909, Jaap Hartmans wie doe 14 jier, moast er de pleats fan de hân dwaan en

\*\* Getrouwde:

MELIS H. HARTMANS en  
TRIJNTJE J. KOOPMANS,  
die, ook namens wederzijdsche Familie, hunnen  
hartelijken dank betuigen voor de  
vele blijken van belangstelling, vóór en bij  
hun huwelijk ondervonden.  
O.-Nijkerk, 21 Mei 1891.



waard er kastlein op Langgrousterwei 2, no café 't Hoekje.

Yn 1917 ferhuze Melis Hartmans nei De Lyts Ein 15 (no Klaske van der Mossel) dêr't er oant syn dea ta (yn 1950) wenne hat as gernier en bite-agint foar it súkerfabryk op Vierverlaten. Dat lêste wûrk hat er 50 jier dien, fan 1897 oant 1947 doe't soan Jaap it fan him oernaam hat. As oantinken oan syn wûrk as bite-agint hat er fan it fabryk in gouden medalje mei ynskripsje kriegen.

Fan de jonge Jaap Hartmans is bekend dat er lange jierren mei hinnen fokte, leghorns en Barnevelders, hy hat dêr ek meardere prizen mei wûn. Guon medaljes binne bewarre bleaun en op ien dêrfan stiet it jiertal 1922. Ek in protte kninen hat er hân, efterhûs stiene allegear hokken. Yn Nijtsjerk wiene doe mear kninefokkers, in hiele bekende, dy't ek lannelik prizen wûn, wie Sjoerd Sipma. Hy wie ek de man fan de VPN, in feriening fan minsken yn ús doarp dy't niget hiene oan it fokken fan kninen en hinnen.

Jaap Hartmans koe omraak keatse en as lid fan de keatsferiening "Foarútgong" yn ús doarp, oprjochte yn 1905 doe't Jaap 10 jier âld wie, hat er ferskate prizen wûn. Dochter Alie bewarret noch altiten in tabaksdoaze dy't er doedestiids wûn hat. Ek nei de oarloch hat er noch meikeatst mei de jongerein, hy hie doe sels al 50 jier west. Se keatsten op it kampke lân, krekt foarby de pleats fan Roel Sikkema op Bollingwier, doe wenne Ealse Postmus dêr.

By't maitiid wied er yn de fjilden te aaisykjen en as der iis lei wied er net te hâlden, dan ried er de wrâld út om op famyljebesite te gean. By't simmer wie dêr hast gjin gelegenheid foar, min ferfier en sa, by't winter wiene hast alle plakjes yn Fryslân oer't iis te

• NIJTSJERK, 6 July '12. Us keatsforie nigung »Foarútgong« hâlden hjoed hjar ge woane keatspertij ûnder de ledèn. Fen 'e goed 50 ledèn wierne 33 opkomd om de priis to winner. Nou, dy kin eltsenien net ten diel falle, howol wy hjir oars in regeling hawwe, dy 't er foar soarget, dat in minnenien like tolle kans hat to winnen as in lêsten ien. Elts pertuur bestiet n.l. út ien bêsten, ien minnen en ien twiskenbeidenen, sadwaende hat elts gelike folie kans en min is measteitiids wis for moaie pertijen. Er waerd flink keatst, mar de hirde wyn makke, dat er forskate ballen bûten kaemen. De priis waerd woun troch H. Veenstra to Mitselwier, P. Wallinga en J. Tilkema, de eaïste preemje troch S. Steensma, S. Sipma en J. Posthumus, de 2e preemje troch F. Noordenbos, J. Hartmans en J. Beetsma. De lêste acht wenje alle gearre to Nijtsjerk.

De prizen wierne 3 rookstellen, 3 theebôdden en 3 gebakskaelen. Der waerden moaie pertijen spile, mar min koe nou just net sizze, dat it peblyk sa great wier. It is likwols ek drok yn it fjild.

Nei de priisù'dieling wier men noch in oaske fleurich bijenoar.

berikken. Hy die ek mei oan ferskate tochten en yn 1941 hat er de Alvestêdetocht útriden, it bewarre Alvestêdekûske is dêr it bewiis fan. As oplieding hat Jaap de legere skoalle hân by master Reiding op de iepenbiere skoalle, dy't stie efter it hûs fan Jappie Tanja. Dérnei is er nei de ULO ta gien yn Dokkum, mar dy hat er net ôfmakke, hy hied er gjin nocht mear oan. Hiel oars as syn broer Harm want dy hat de oplieding ôfmakke en hat it úteinlik skopt ta direkteur fan it gasfabryk yn Winschoten.

Yn 1914 wie Jaap 19 jier en moast er opkomme foar syn nûmer. Hy hie de pech dat yn datselde jier de Earste Wrâldkriich begûn, dat hy hat de hiele fjouwer jier dat dy oarloch duorre ûnder de wapenen west tidens de Mobilisaasje, krekt as syn broer Harm trouwens. Se leine yn Brabân op meardere plakken, hy hat fan dy tiid yn in skrift byhâlden wêr't er allegear 'lein' hat. Se wiene ynkertiere by partikulieren en mei guon hat er noch lang kontakt ûnderhâlden.

*Twa mobilisearre soldaten 1914-1918, kreas yn it soldatepak. Links Jaap Hartmans, rjochts syn broer Harm.*

Nei de oarloch moat er noch kursussen as sa folge ha want yn 1920 wied er ynspekteur by in fersekeringsmaatskippyj. Dat wie yn Ljouwert, dat yn septimber dat jier set er nei Ljouwert ta dêr't er yn 'e kost komt by in vrou Wiersma-Ruitenschild. Yn 1921 komt er al wer werom nei Nijtsjerk.

Jaap sil syn heit doe holpen ha yn harren gernierspultsje en hâlde fansels syn ynspekteurskip fan fersekeringen aan, yn 1930 wied er bygelyks yn tsjinst by de "Maatschappij tot Onderlinge Verzekering tegen Brandschade Oost- en Westdongeradeel", yn ús doarp koartwei bekend as "East- en West", dat er lange jierren behertige hat: fan 1930



oant 1960. Dêr hat er noch in gouden horloazje mei ynskripsje oan oerhâlden. Dat wûrk as boade betsutte dat er elk jier by frijwol alle boeren yn Eastdongeradiel lâns moast om op te nimmen hoefolle kij, hynders, hea en oare foarrie se hiene. Dat waard op it kantoar ferwurke en dan moast er mei in kontrolebriefke nochris by elkenien lâns. Dochter Alie gie dan gauris mei, elk oan in kant fan de strjitte, want yn de doarpen sieten in protte gernierkes. Sa teagen se by alle doarpen lâns oan Ingwierrum ta en alles op 'e fyt.

Wat er ek foar East- en West die, wie it hearoedzjen: it hea kontrolearje op gefaar foar heabroei. As in boer it net fertroude skille er Jaap Hartmans, dy hie dêrom al betiid telefoan, en dy kaam mei de hearoede del. Hy moast boppe op de heagolle klimme (net maklik as men hichtefrees hat!) en mei de hearoede de temperatuer opmijtte. As dy te heech wie, moast de boer it hea splitte: mei in skerpe lodde it hea útinoar stekke yn blokken.

Yn 1947 sawat nîmt er it wûrk fan syn heit as bite-agint oer. Dat betsutte dat er earst by de boeren yn syn krite lâns moast om te freegjen hoefolle lân se mei biten ynsiedzje woene. Dan waard it sied yn grutte balen fan it fabryk ôf nei De Lyts Ein brocht en koene de boeren/gernieren dat by him ophelje. As de biten klear wiene, moast er it ferfier nei it súkerfabryk regelje. Sels wied er bitewager op de Opslag yn Nijtsjerk, yn Peazens en Nes wiene twa oare wagers foar him yn aksje. In grutte boer hie genôch biten om in hiel skip fol te krijen en dan gie it op wetterwicht: oan hie djip it skûtsje lei, koe metten wurde hoefolle der oan gewicht yn siet. Mar de measte gernieren hiene net safolle biten dat dan waard it per kuorfol ôfwoegen: by elke koer in streekje op papier en by de fyfde koer in dwersstreekje: wer fiif kuorfol. Dat gie sa dagen troch en in bepaald waarm wûrkje wie soks net om't it meast let yn 'e hjerst dien wurde moast, nachtfroast wie yn sokke dagen gjin útsûndering.

*Jaap Hartmans yn 1961 op syn fytse underweis. Sa sille in protte âldere Nijtsjerksters him fêst herkenne.*

Hy fynt in twadde frout yn Alida (Alie) Vreeling fan Wolvegea. Yn dat doarp



wennen op in stuit trije omkes fan Jaap, fan memmeskant. Ien wie dêr bakker en de twa oaren sieten yn it ûnderwiis. Alie wie help yn ‘e húshâlding by ien fan de omkes en sa hat er har moete en is er op 36-jierrige leeftyd dochs noch trouwd. Se kriegen ien dochter: Alida Trijntje, dy’t as Alie Bierma-Hartmans troch it libben giet nei’t se trouwd is mei Rudolf Bierma fan Sint Anna Parochy, mar dy’t sûnt 1948 mei syn âlden al op in pleats (fan de Domeinen) yn de polder wenne. Se wenje yn Marknesse yn de Noardeastpolder.

Jaap en Alie wennen earst yn de westlike helte fan de wenning op ‘e hoeke De Lyts Ein-Buorfinne. Dêr stie doe de herberge-timmersaak fan de famylje Jousma, no is dat de SPAR fan Jan en Sjoukje Mook. Yn 1938 komme se yn it âlderlik hûs te wenjen, in hûs dat wat ferboud en fergrutte wurdt en dêrnei yn twaën bewenne, letter hiet dat fan De Lyts Ein 13 en 15; it gesin fan Jaap wenne yn 15. De foardoar en de gong hearden by 13, it hûs fan de âldelju. Yn dy gong siet àl in doar nei de oare kant mar dy siet altiten op it slot, boppe wie dat ek sa. Doe’t de âldelju letter mear help nedich hiene om’t se âlder waarden, wiene se op sa’n wize maklik te berikken. Heit Melis stoar yn 1950, 85 jier âld en mem Nynke stoar fjouwer jier letter, 86 jier âld.

Oan de kant fan nûmer 15 siet in doar oan de sydkant, der wiene twa keamers en in keuken en yn de oanbou wie romte foar wat opslach. Sa stiene by’t winter de setters dêr yn bakjes, ôfdutsen mei kranten en kleden. As de ierdappels set wiene, kamen de bakjes op souder om romte te meitsjen; in fêste trep wie dêr net dat it gie mei in keukentrepke en it wie in hiel geheister om de boel op en fan de souder te heljen!

Jaap hie it gernieren alhiel fan syn heit oernaam, trije stikken lân hied er yn gebrûk, op Bollingwier, tusken Nijtsjerk en Nes yn en op Langgrou: tipysk foar in gernier. Folle materiaal hied er net, plak foar opslach ek net, mar yn dy tiid kamen de ierdappels noch yn ‘e bult op it lân, dat it wie ek net nedich.

Jaap Hartmans bleau oant 1961 ta oan De Lyts Ein wenjen en is doe’t er mei pensjoen koe nei Wolvegea ferhuze, it plak dêr’t vrou Alie weikaam. Alie hat har nea echt thuisfield op ‘e klaai, prate ek net Frysk. Hat it fêst besocht mar it is har net slagge. Stellingwerfs spruts se ek net, meast gewoan Hollânsk. Dochter Alie, doe’t dy jong wie waard se meast oansprutsen as “lytse Alie” wylst mem dan “grutte Alie” wie, hat de earste jierren fan har libben ek Hollânsk praat. Pas doe’t se wat grutter waard en it doarp yn mocht, hat se it Frysk fan de bern op strijtte leard.

Hartmans is mei it bite-agintskip, it gernierjen en syn wurk as boade foar East- en West ophâlden, mar hat him yn Wolvegea net ferfeeld. Hy gie op in sjongkoar dat op ferskate plakken (sels yn it bûtelân) optreden hat, waard boekhâlder foar de doopsgesinde tsjerke en krike in freon dêrt er omraak mei opsjitte koe en dêrt er hiele einen mei fytst hat yn it gebied fan Tsjonger en Linde, in hiel oare streek as op de klaai fan de Dongeradielen. De lêste jierren fan syn libben waard er slim siik en sa stoar er yn 1969, 74 jier âld. Syn vrou stoar 15 jier letter, 79 jier âld.

*Dat liket de ien fan in warber libben, mar Jaap Hartmans hat ien en oar neilitten en dêr giet it de oare kear oer.*

RT

## Sjoelen yn de Terp

---

Minsken op freedejûn 21 febrewaris ha we wer it jierlike sjoelkampioenskip fan Easternijtsjerk hâlden.

Om't der net sa folle dielnimmers wienen, 19 personen, ha we it wat oars dien as gebruiklik is. Alle dielnimmers, sawol de jongerein as de folwoeksenen, ha twa kear in "poule" spile.

Sa as jim wol witte, ha we "fanatyke" sjoelders yn us doarp te wenjen en de ien wol ek net foar de oare ûnder dwaan fansels, dus jim kin begripe dat it der betiden omwei gie.

Mar neffens ús is der wol earlik spile, dus nei ferrin fan tiid en wat gerekken en muoilik tinken, wienen we aan de finales ta. By de jongerein, wêr' t 7 dielnimmers wienen en ek noch allegearre jongens, moasten Enno en Rutger tsjin elkoar sjoele yn de ferliezersronde.

Enno wûn dit potsje mei 49 punten en Rutger waard twadde mei 46 punten. Yn de winnersronde moasten Cornelis en Jelmer it tsjin elkoar opnimme, Cornelis wûn dit mei 65 punten en Jelmer sjoelde 45 punten by elkoar en waard dus twadde. Toen wienen de grutten oan de beurt, Eline en Peet striden yn de ferliezersronde om it earste en twadde plak.

Minsken, jim kin begripe dat dit der omwei gie, hjir hiene jim bij wêze moatten. Eline hie een kleur as fjoer, de fonken spatten der fanôf, want se woe fansels fan Peet winne en dat slagge har ek noch. Eline won mei 64 punten, tsjin 49 punten fan Peet.

Marjanne moast tsjin har mem Janny sjoele yn de winnersronde en mem Janny moast it ûnderspit dolle. Marjanne wûn dit mei 67 punten tsjin 49 punten fan Janny. Hjirnei wie de priisutrikking, de priiswinners kriegen een moaie stander en moasten ek noch mei elkoar op de foto.

Bûten it offisjele diel om wurde Jannie Weidenaar noch betanke, want sij hat ûs holpen mei it útsetten fan de poule's en it útrekkenjen fan de punten (sij hat der in programma foar op de kompoeter)

## Útslach

### Ferliezersronde jongerein:

- |                   |           |
|-------------------|-----------|
| 1 Enno Cuperus    | 49 punten |
| 2 Rutger Torensma | 46 punten |

### Ferliezersronde grutten:

- |                  |           |
|------------------|-----------|
| 1 Eline Dijkstra | 64 punten |
| 2 Peet Kuiper    | 49 punten |

### Winnersronde jongerein:

- |                    |           |
|--------------------|-----------|
| 1 Cornelis Elzinga | 65 punten |
| 2 Jelmer Torensma  | 45 punten |

### Winnersronde grutten:

- |                  |           |
|------------------|-----------|
| 1 Marjanne Faber | 67 punten |
| 2 Janny Faber    | 49 punten |



En minsker wol jim ek in keer sjoele om it kampioenskip fan Easternijtsjerk, kom dan takom jier nei de Terp en doch ek mei!

Eltsenien noch betanke foar it brûken fan jim sjobelbakken.

Oant takom jier!

Tjitske en Baudy



Op **woensdag 16 september 2015** bestaat  
Voetbalvereniging Ropta Boys 50 jaar.

Dat duurt nog een tijdje, maar er is al een jubileum-commissie actief om de festiviteiten rond dit jubileum te organiseren.

Maar hierbij hebben wij ook **HULP** nodig!

Wij zijn op dit moment vooral op zoek naar contactgegevens van **oud-leden**.

Dus ken jij iemand die lid geweest is van Ropta Boys of ben jij zelf oud-lid, geef dit dan door op het mailadres  
**[roptaboys50jaar@outlook.com](mailto:roptaboys50jaar@outlook.com)**

Wij ontvangen graag naam, adres, telefoonnummer en **mailadres** van de betreffende persoon om deze op de hoogte te houden van de festiviteiten.

## **ALVAST DANK!**

Jubileumcommissie  
Klaas Brouwer, voorzitter  
Tineke Slager, secretaris  
Yme Braaksma  
Douwe Jaap Meinsma  
Jan Torensma  
Sietske Torensma  
Jan Age Wijma

## BurenHulpDienst



Soms lukt het door ziekte, handicap, ouderdom of andere beperkingen niet (meer) om bepaalde werkzaamheden in en om het huis zelf uit te voeren. Dan kan **BurenHulpDienst** misschien een oplossing voor u zijn!

### Wat houdt de BurenHulpDienst in?

Deze hulpdienst is een organisatie bestaande uit vrijwilligers die mensen, jong of oud, van hulp kunnen voorzien. De hulp kan bijvoorbeeld bestaan uit autovervoer naar huisarts of ziekenhuis, kleine klusjes in- en om het huis, licht huishoudelijk werk, de hond uitlaten, kinderen/ouderen oppvangen bij ziekte etc.

### Hoe schakelt u de burenhulp in?

U belt het Centraal Meldpunt in Dokkum (**tel: 0519-292223**), te bereiken van maandag t/m vrijdag van 8.30 – 12.30 uur en van 13.00 – 17.00 uur. Dit meldpunt noteert uw hulpaanvraag en geeft die dan door aan Antje Kuiper, die voor ons dorp de coördinator is. Zij zoekt dan een vrijwilliger die u de gevraagde hulp kan bieden.

### Wat zijn de kosten?



De hulp die geboden wordt is gratis. Alleen de kosten die de vrijwilliger moet maken, moeten worden vergoed (Kosten voor vervoer, materiaalkosten tijdens het klussen etc.).

### **Gezocht vrijwilligers BurenHulpDienst Oosternijkerk**

De BurenHulpDienst in Oosternijkerk heeft al verschillende vrijwilligers die zo nu en dan de handen uit de mouwen steken, maar er kunnen nog wel een aantal bij!

Dus lijkt het u wel wat om zo nu en dan iets voor een dorpsgenoot te doen, of wilt u eerst wat meer informatie, bel dan gerust met Antje Kuiper-Wijtsma (tel; 241384).

# PUZEL - siferkoade



A B C D E F G H I J K L M N O P Q R S T U V W X Y Z

1	2	3	4	5	6	7	8	9	10	11	12	13
14	15	16	17	18	19	20	21	22	K	S	25	26

## Twa sudoku's

De earste is wol te dwaan. De twadde mar eefkes langer op stinne.

	2			6				
1	9				8			3
		7	5	2				
3						1		
					6		4	7
		4				6		
			6	3	5	7	8	
			2		9			
7	3							

	5					2		
7	3		8				9	4
		8			5			
		2				8	1	
			2		1			
	6							
	1	5	7			4		
						6	8	
4				1	3			5

# PAADWIZER



Doarpsbelang-----	D. Holwerda-----	242212
Groencommissie-----	C. Miedema-----	571173
Doarpshûs De Terp-----	D. Wolsink-----	241486
Foeke Sjoerds Skoalle-----		241530
Protestantse Gemeente .----scriba F. Meinsma-----		242208
Koar 'Sjong de Heare'-----	A. v.d. Wagen-----	589243
U.D.I.-----	Sanne Faber-----	06-22676016
Drumband U.D.I.-----	P. de Boer-----	241230
Bernejister-----	Afke Jongeling-----	241918
Biljertferiening 'De Terp'-----	L. Bergema-----	241704
S.S.S.-----	T. de Groot-----	242334
Iisferiening-----	H. Zijlstra-----	241313
Jeugdhonk 't Terpke-----	B. Cuperus-Sijtsma-----	242048
Doarpsklaverjassen-----	J. Bergmans-----	241754
Klaverjasclub 'Nocht en Wille'-G. Cuperus-----		241686
Keatsfer. 'De Trije Doarpen"--W. Westra -----		241636
'De Bûnte Flinters'-----	N.Wagenaar- ledema-----	241777
'Ropta Boys'-----	J.A. Wijma-----	241574
OCO-----	A. van der Heide-----	297986
'Oars Aktyf'-----	H. Dijkstra-----	242085
KnutseLEN-----	J. Holwerda-----	241980
Dartclub Easternijtsjerk-----	H. Van Dekken-----	241447
'De Laatste Eer'-----	G. Post-de Boer-----	241199
Koersbalvereniging ON-----	A. Wolsink-----	241613
Burenhulpdienst -----	A.Kuiper-Wijtsma -----	241384

## Ynternet:

Nijtsjerk-----	www.Oosternijkerk.com
Skoalle-----	www.foekesjoerds-pcbodongeradeel.nl
Ropta Boys-----	www.roptaboyz.nl

Moat der wat feroare wurde?

Lit it witte aan Anneke Weidenaar (ynf. op bls. 1)

# AGENDA

---



## April

- 4 Doarpsklaverjassen in Nes
- 5 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 9 Lenteknusel gr. 4 en 5
- 11 Lenteknusel gr. 1, 2 en 3 en 6-8
- 11 Slotavond Doarpsklaverjassen in Oosternijkerk
- 16 Paaseieren verven basisschool
- 18 Paaseieren zoeken gr. 1-8 knutselclub
- 18-21 Pasen
- 19 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 26 Koningsdag
- 28- 5 mei, meivakantie

## Mei

- 2 Vrijwilligersavond Dorpshuis de Terp
- 3 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 17 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 20-23 Avond vierdaagse
- 23 Afsluiting knutselclub gr. 1 t/m 8
- 29 Hemelvaartsdag
- 31 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein

## juni

- 1 Inleveren kopij voor de Skille
- 9 Pinksteren
- 11 Schoolreisjes
- 14 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 19 Buurtenvolleybaltoernooi voorrondes
- 21 Kleintje Dorpsfeest met buurtenvolleybal en band Sunshine
- 26 Ouderavond Basisschool
- 28 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 28 Doarpsskille 166 ferskynt